

## **De ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996**

**J.E. Buning-Oosten  
H. Kuipers-Zandberg**

Projektlieder: Cor van der Meer

Yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske taal *DINGtiid*





De ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996

Auteurs: Johanneke E. Buning-Oosten en Helga Kuipers-Zandberg

Projektlieder: Cor van der Meer

Mei tank oan Jorrit Huizinga foar syn bydrage yn de earste moannen fan it ûndersyk

Dit ûndersyk nei it ymplementearjen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân fan 1998 ta 2018 is útfierd troch it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, yn opdracht fan *DINGtiid*.

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen wurdt subsidiearre troch de provinsje Fryslân.

Foarmjouwing binnenwurk: Inge Heslinga en Johanneke Buning

Twadde druk, publisearre yn 2018.

De ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar  
Regionale of Minderheidstalen yn  
Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996

J.E. Buning-Oosten  
H. Kuipers-Zandberg

Yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal *DINGtiid*

July 2018

# Ynhâldsopjefte

<b>1</b>	<b>YNLIEDING .....</b>	<b>1</b>
1.1	OANLIEDING FOAR IT ÛNDERSYK EN HAADFRAACH .....	1
<b>2</b>	<b>OPDRACHT EN BEGRINZING.....</b>	<b>2</b>
2.1	OANPAK .....	2
2.2	BEGRINZING .....	2
2.3	OPBOU FAN IT RAPPORT.....	3
<b>3</b>	<b>OER IT HÂNFÊST FOAR REGIONALE OF MINDERHEIDSTALEN .....</b>	<b>4</b>
3.1	SKIEDNIS FAN IT HÂNFÊST.....	4
3.2	OPSET FAN IT HÂNFÊST .....	5
3.3	MONITOARING EN RAPPORTAAZJES .....	5
3.3.1	<i>Oer de Kommisje fan Eksperts .....</i>	<i>6</i>
3.4	FERANTWURDLIKHEDEN EN PLICHTEN .....	6
<b>4</b>	<b>RATIFIKAASJE EN MONITOARING YN NEDERLÂN.....</b>	<b>8</b>
4.1	SKIEDNIS FAN DE RATIFIKAASJE TROCH NEDERLÂN .....	8
4.2	TIIDSKEMA RAPPORTAAZJES NEDERLÂN .....	10
4.3	FORMAT FAN DE PERIODIKE RAPPORTAAZJES .....	11
4.4	MISSENDE YNFORMAASJE.....	11
4.5	UNIENICHHEID .....	12
4.6	OANBEFELLINGEN .....	12
<b>5</b>	<b>OER DE BESTJOERSÔFSPRAKEN FRYSKJE TAAL EN KULTUER.....</b>	<b>14</b>
5.1	DE BESTJOERSÔFSPRAAK AS ARK FOAR DE YMPLEMINTAASJE FAN IT HÂNFÊST .....	14
5.2	OANBEFELLINGEN .....	15
<b>6</b>	<b>ARTIKEL 8: UNDERWIIS - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....</b>	<b>16</b>
6.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	17
6.1.1	<i>Oangeande paragraaf 8.1.a(ii): “to make available a substantial part of pre-school education in the relevant regional or minority languages”;</i> .....	<i>17</i>
6.1.2	<i>Oangeande paragraaf 8.1.b(ii): “to make available a substantial part of primary education in the relevant regional or minority languages en paragraaf 8.1.c(ii): to make available a substantial part of secondary education in the relevant regional or minority languages”;</i> .....	<i>17</i>
6.1.3	<i>Oangeande paragraaf 8.1.e(ii) to provide facilities for the study of these languages as university and higher education subjects;</i> .....	<i>18</i>
6.1.4	<i>Oangeande paragraaf 8.1.f(i): “to arrange for the provision of adult and continuing education courses which are taught mainly or wholly in the regional or minority languages”;</i> .....	<i>18</i>
6.1.5	<i>Oangeande paragraaf 8.1(g): “to make arrangements to ensure the teaching of the history and the culture which is reflected by the regional or minority language”;</i> .....	<i>19</i>

6.1.6	<i>Oangeande paragraaf 8.1(h): “to provide the basic and further training of the teachers required to implement those of paragraphs a to g accepted by the Party”;</i> .....	20
6.1.7	<i>Oangeande paragraaf 8.1(i): “to set up a supervisory body or bodies responsible for monitoring the measures taken and progress achieved in establishing or developing the teaching of regional or minority languages and for drawing up periodic reports of their findings, which will be made public”.</i> .....	20
6.2	WAT IS GOED GIEN?.....	21
6.2.1	<i>Oerheveling taken fan Ryk nei provinsje</i> .....	21
6.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	22
6.3.1	<i>Foarskoalsk ûnderwiis</i> .....	22
6.3.2	<i>Primêr ûnderwiis</i> .....	23
6.3.3	<i>Fuortset ûnderwiis</i> .....	23
6.3.4	<i>Oplieden fan Fryske groepsliederen en dosinten</i> .....	24
6.3.5	<i>Les yn Fryske kultuer en skiednis</i> .....	24
6.4	OANBEFELLINGEN .....	24
<b>7</b>	<b>ARTIKEL 9: GERJOCHTLIKE AUTORITEITEN - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN</b> .....	<b>26</b>
7.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	27
7.1.1	<i>Paragraaf 9.1</i> .....	27
7.1.2	<i>Oangeande paragraaf 9.2</i> .....	28
7.2	WAT IS GOED GIEN?.....	28
7.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	28
7.3.1	<i>De effekten fan de Wet Herziening Gerechterlijke kaart (2012)</i> .....	29
7.4	OANBEFELLINGEN .....	30
<b>8</b>	<b>ARTIKEL 10: ADMINISTRATIVE AUTORITEITEN EN PUBLIKE TSJINSTEN - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN</b> .....	<b>32</b>
8.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	33
8.1.1	<i>Oangeande paragraaf 10.1.c: “to allow the administrative authorities to draft documents in a regional or minority language”</i> .....	33
8.1.2	<i>Oangeande paragraaf 10.2.g: “the use or adoption, if necessary in conjunction with the name in the official language(s), of traditional and correct forms of place names in regional or minority languages”</i> .....	34
8.1.3	<i>Oangeande paragraaf 10.4.c: “compliance as far as possible with requests from public service employees having a knowledge of a regional or minority language to be appointed in the territory in which that language is used”</i> .....	34
8.2	WAT IS GOED GIEN?.....	35
8.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	35
8.4	OANBEFELLINGEN .....	36
<b>9</b>	<b>ARTIKEL 11: MEDIA - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN</b> .....	<b>37</b>
9.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	38

9.1.1	<i>Oangeande paragraaf 11.1.a(iii): “to make adequate provision so that broadcasters offer programmes in the regional or minority languages”</i> .....	38
9.1.2	<i>Oangeande de nije mediawet</i> .....	38
9.1.3	<i>Oangeande paragrafen 11.1.b(ii) “to encourage and/or facilitate the broadcasting of radio programmes in the regional or minority languages on a regular basis” en 11.1.c(ii) “to encourage and/or facilitate the broadcasting of television programmes in the regional or minority languages on a regular basis”</i> .....	39
9.1.4	<i>Oangeande paragraaf 11.1.f(ii): “to apply existing measures for financial assistance also to audiovisual productions in the regional or minority languages”</i> .....	40
9.2	WAT IS GOED GIEN? .....	40
9.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	41
9.4	OANBEFELLINGEN .....	41
<b>10</b>	<b>ARTIKEL 12: KULTURELE AKTIVITEITEN EN FASILITEITEN - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN</b> .....	<b>42</b>
10.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	43
10.1.1	<i>Oangeande paragraaf 12.1.e en 12.1.f</i> .....	43
10.1.2	<i>Oanwêzigens yn it kultureel bûtenlânbelied</i> .....	43
10.2	WAT GIET GOED? .....	44
10.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	44
10.4	OANBEFELLINGEN .....	45
<b>11</b>	<b>ARTIKEL 13: EKONOMYSK EN SOSJAAL LIBBEN - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN</b> .....	<b>47</b>
11.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	47
11.1.1	<i>Oangeande paragraaf 13.2.c</i> .....	49
11.2	WAT IS GOED GIEN? .....	50
11.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	51
11.4	OANBEFELLINGEN .....	51
<b>12</b>	<b>ARTIKEL 14: GRINSKRUSENDE ÚTWISELINGEN - SKIEDNIS EN STÂN FAN SAKEN FAN IT YMPLEMINTEARJEN</b> .....	<b>53</b>
12.1	SKIEDNIS FAN IT YMPLEMINTEARJEN .....	53
12.2	WAT IS GOED GIEN? .....	54
12.3	WAT GIET NOCH NET GOED EN WÊROM NET? .....	55
12.4	OANBEFELLINGEN .....	55
<b>13</b>	<b>KONKLÚZJES EN OANBEFELLINGEN</b> .....	<b>57</b>
13.1	BEHEININGEN FAN IT ÛNDERSYK.....	57
13.2	<i>BEST PRACTICES</i> YN IT YMPLEMINTEARJEN FAN IT HÂNFÊST.....	57
13.2.1	<i>Wet Gebrûk Fryske Taal</i> .....	57
13.2.2	<i>Oerheveling keardoelen en ûntheffingen op it mêd fan Frysktalich ûnderwiis nei de provinsje</i> .....	57
13.2.3	<i>Eigen bestjoersôfspraak Fryske Taal yn de Media</i> .....	58
13.3	OANBEFELLINGEN MEI IT EACH OP IT FERBETTERJEN FAN DE YMPLEMINTAASJE.....	58

13.4	OARE OERWAGINGS DY'T IT NEAMEN WURDICH BINNE .....	60
13.4.1	<i>Oer de "dizichheid" fan de paragrafen yn it Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen .....</i>	<i>60</i>
13.4.2	<i>Hoe docht NL it yn fergeliking mei oare lannen?.....</i>	<i>60</i>
13.4.3	<i>De wearde fan it Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen as ark foar de beskerming fan de Fryske taal.....</i>	<i>61</i>
14	<b>BOARNELIST .....</b>	<b>63</b>



# 1 Ynlieding

## 1.1 Oanlieding foar it ûndersyk en haadfraach

Dit ûndersyk is útfierd yn opdracht fan it advysorgaan foar de Fryske Taal, DINGtiid. De opdracht is de folgjende:

*Sûnt it yn wurking treden fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen hat Nederlân fiif omgongen trochrûn mei eigen rapportaazje, rapportaazje fan in Kommisje fan Eksperts en advizen fan de Rie fan Ministers. In grut tal fan dy advizen komme eltse kear werom en ek yn de rapportaazje fan de Kommisje fan Eksperts is in grutte werhelling te lêzen. Foldocht Nederlân dan wol oan de ynternasjonale ôfspraken? Wat giet goed en wat kin better? Wêrom komme hieltyd deselde advizen werom? Wat is nedich om werhelling foar te kommen?*

## 2 Opdracht en begrinzing

### 2.1 Oanpak

Om ta in antwurd te kommen op boppesteande fragen, binne de folgjende aktiviteiten útfierd:

- De fiif Nederlânske rapportaazjes oan de Rie fan Europa binne bestudearre.
- De fiif rapportaazjes fan de Kommisje fan Eksperts fan de Rie fan Europa (hjernei KomEks) en de advizen fan de Kommisje fan Ministers binne bestudearre.
- Fraachpetearen mei 12 kaaieksperets op de sân dielgebieten fan it Hânfêst (dy dielgebieten komme oerien mei Artikel 8 oant 14 fan it Hânfêst), twa kaaieksperets op it mêd fan de KomEks en twa kaaieksperets op it mêd fan de periodike rapporten fan Nederlân oan Europa. Yn it rapport sil geregeldwei ferwiisd wurde nei dy petearen. In anonimisearre list mei kaaieksperets is te finen yn haadstik 14: De boarnelist.
- Analyze fan de risseltaten, mei as fokus it ta in oersjoch kommen fan sawol de positive as negative aspekten fan it ymplementearjen fan it Hânfêst yn Nederlân yn de lêste 20 jier, en dêrnjonken konkrete oanbefellingen foar ferbettering fan it ymplementearjen.

De oanpak komt foar it grutste part oerien mei de opdrachtomscriuwning. Op in pear punten is dêrfan ôfwykt:

- Hoewol't de opdracht foarskreau dat foar elk artikel twa kaaieksperets rieplachte wurde soene, is der foar keazen om foar it wichtige en problematyske artikel 8, Edukaasje, mei fjouwer eksperts te praten.
- Al frege de opdracht der net om, der is keazen om ek mei twa kaaieksperets op it mêd fan de periodike rapportaazje fan Nederlân oan de Rie fan Europa te praten: it die bliken dat dit wichtich wie om in helder byld te krijen fan de problemen oangeande it ymplementearjen fan it Hânfêst.
- Dêr stiet tsjinoer dat foar in oantal artikels fan it Hânfêst mei mar ien kaaieksperet praat is.

### 2.2 Begrinzing

Dit ûndersyk rjochtet him allinnich op it ymplementearjen fan Part III fan it Hânfêst. Dêrmei spilet allinnich de beskerming fan de Fryske taal in rol yn dit ûndersyk: de iennichste taal dy't troch Part III beskerme wurdt. Dêr moat wol by sein wurde dat ek it ymplementearjen fan Part II, it part dat njonken it Frysk, ek de talen Jiddysk, Romany, Nedersaksysk en Limboarchsk beskermet, wis in ûndersyk fertsjinnet. De KomEks jout oan dat hjir noch in soad ferbettere wurde kin, en de oanbefellingen fan de Rie fan Ministers fan de Rie fan Europa foar Nederlân slagge foar in grut part op it ymplementearjen fan Part II.

## 2.3 Opbou fan it rapport

It rapport beslacht 14 haadstikken. Yn de earste haadstikken wurdt eftergrûnynformaasje jûn oer it Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen. Dêrnei folgje haadstikken oer de ratifikaasje fan it Hânfêst yn Nederlân, de periodike monitoaring en de rol fan de Bestjoersôfspraken Fryske Taal en Kultuer yn it ymplementearjen. Problemen oangeande de monitoaring en it funksjonearjen fan de bestjoersôfspraak yn relaasje ta ymplementaasje komme oan bod en oanbefellingen foar ferbettering wurde jûn.

Yn de dêropfolgjende haadstikken wurde de paragrafen dy't Nederlân foar part III fan it Hânfêst ûndertekene hat, behannele. Foar elk artikel en subparagraaf jout it rapport in oersjoch fan de skiednis fan it ymplementearjen, wat goed gien is, wat net goed gien is en wêrom net, en oanbefellingen neffens paragraaf.

Haadstik 13 sil konklúzjes en oanbefellingen behannelje. De konklúzjes en oanbefellingen omfetsje de wichtichste oanbefellingen út de eardere haadstikken, en de aksjes dy't foar dy oanbefellingen ûndernaam wurde moatte of kinne.

Haadstik 14 jout in list mei rieplachte boarnen en kaaieksperts.

## 3 Oer it Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen

### 3.1 Skiednis fan it Hânfêst

It *Explanatory report* fan it Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen (hjernei *it Hânfêst*) neamt de oerwagings en barrens dy't laat hawwe ta it ûntstean dêrfan.<sup>1</sup> De earste diskusje op dit mêd fûn plak yn de fyftiger jierren fan de lêste iuw. De Rie fan Europa wie besoarge dat, hoewol't der beskermjende maatregels wiene foar ien dy't in minderheidstaal praat of ien dy't ûnderdiel útmakket fan in minderheid, der eins gjin beskerming wie foar de talen sels.<sup>2</sup>

In Hânfêst, dat soks beneamde, waard oannaam troch de Kommisje fan Ministers op 25 juny 1992 en lidsteaten koene dat ûndertekenje fan 5 novimber 1992 ôf yn Strasbourg.<sup>3</sup> It doel fan it Hânfêst, lykas formulearre yn it *Explanatory report*, wie:

*“The aim is to ensure, as far as reasonably possible, the use of regional or minority languages in education and the media and to permit their use in judicial and administrative settings, economic and social life and cultural activities. Only in this way can such languages be compensated, where necessary, for unfavourable conditions in the past and preserved and developed as a living facet of Europe’s cultural identity.”*

*“The charter sets out to protect and promote regional or minority languages, not linguistic minorities. For this reason emphasis is placed on the cultural dimension and the use of a regional or minority language in all the aspects of the life of its speakers. The charter does not establish any individual or collective rights for the speakers of regional or minority languages.”<sup>4</sup>*

It earste doel, neamd ûnder Artikel 7 fan it Hânfêst sels: *Objectives and principles*, is:

*“In determining their policy with regard to regional or minority languages, the Parties shall take into consideration the needs and wishes expressed by the recognition of the regional or minority languages as an expression of cultural wealth;”*

Mei oare wurden: it Hânfêst tsjinnet yn it earste plak as beskerming foar regionale en minderheidstalen as *kultureel erfgoed*, en yn mindere mjitte as beskerming fan de sprekkers. De lannen dy't it Hânfêst ratifisearre hawwe, sizze ta dat sy de taal beskermje sille as in foarm fan kultureel erfgoed.

---

<sup>1</sup> *Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>2</sup> *Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>3</sup> *Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>4</sup> *Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

## 3.2 Opset fan it Hânfêst

De tekst fan it Hânfêst is gearstald net allinnich op grûn fan sosjolinguistike oerwagings, mar ek op grûn fan it ynternasjonale rjocht.<sup>5</sup> It Hânfêst is opdield yn fjouwer dielen, wêrfan't twa parten, "Part II" en "Part III", beskermjende maatregels foar regionale of minderheidstalen befetsje. De maatregels neamd yn Part II binne fan tapassing op alle regionale of minderheidstalen dy't praat wurde binnen de grinzen fan in lân. De maatregels yn Part III binne fan tapassing op talen dêr't de oerheid fan tasein hat dat se ekstra beskerme wurde moatte. Part III jout in list fan beskermjende maatregels op it mêd fan ûnderwiis, rjocht, administrative autoriteiten, media, kultuer, ekonomysk en sosjaal libben en grinskrusende útwikselingen. De oerheid makket in seleksje fan teminsten 35 maatregels of *paragrafen*.<sup>6</sup>

*"In respect of each language specified at the time of ratification, acceptance or approval, in accordance with Article 3, each Party undertakes to apply a minimum of thirty-five paragraphs or sub-paragraphs chosen from among the provisions of Part III of the Charter, including at least three chosen from each of the Articles 8 and 12 and one from each of the Articles 9, 10, 11 and 13."*<sup>7</sup>

## 3.3 Monitoaring en rapportaazjes

Yn part IV wurdt praat oer hoe't it ymplementearjen fan it Hânfêst troch de lidsteaten monitoare wurdt: Elke lidsteat moat om de trije jier in rapport (hjinnei de periodike rapportaazje neamd) leverje oan de Sekretaris Generaal fan de Rie fan Europa, yn in format sa as opsteld troch de KomEks, mei ynformaasje oer it belied op it mêd fan de ratifisearre paragrafen fan it Hânfêst. Dit rapport wurdt oerdroegen oan de KomEks. De KomEks fiert dêrnei in *on-the-spot visit* út oan de lidsteat. NGO's meie ûnderwilens dy besite saneamde "skaadrapporten" leverje.

Op basis fan de ynformaasje dy't de KomEks op harren site-visits kriget, meitsje se harren evaluaasjerapport en presintearje dat oan de oerheid fan de lidsteat. Kommentaar fan de oerheid op it evaluaasjerapport en it rapport sels wurde oerhandige oan de Kommisje fan Ministers. Dy docht oanbefellingen foar de lidsteat. By eintsjebeslút wurdt it evaluaasjerapport publisearre.<sup>8</sup>

*"Evalueren van een land is een intensieve klus: de ComEx brengt een bezoek van ca. drie à vier dagen aan het desbetreffende land. Nadat thuis het rapport van het land is bestudeerd, en op basis van de verkregen informatie, wordt er door het Secretariaat een conceptrapport opgesteld. Dit wordt weer voorgelegd aan de Werkgroep. Waarna het rapport in de Plenaire*

---

<sup>5</sup> Kaaiekspert 1, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

<sup>6</sup> *Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>7</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>8</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

*vergadering wordt gebracht en bediscussieerd. Dit neemt ca. één à twee dagen (sterk afhankelijk van het land). Alles wordt nagezocht. Veel waarde wordt gehecht aan de input van de sprekers: worden ze gehoord en vertegenwoordigd in het rapport? De werkgroep bespreekt haar bevindingen ook met vertegenwoordigers van de Regering. Er wordt gediscussieerd over de bevindingen gedaan tijdens het werkbezoek, en deze worden getoetst aan de mening van de ambtelijk verantwoordelijken, of de Minister.”<sup>9</sup>*

*“NGOs must be regarded by states as preferred partners in the pursuit of the shared aim of promoting language diversity. Their role is decisive, both before and after ratification of the Charter. Prior to ratification, they may assist states to choose the languages concerned and the provisions of Part III that they wish to apply within their territory. Their role in the monitoring of the honouring of commitments is to advise the committee of experts and the national authorities of any problem that may arise when the Charter is implemented in states.”<sup>10</sup>*

### 3.3.1 Oer de Kommisje fan Eksperts

De KomEks wurdt as folget gearstald: út elke Europeeske lidsteat kiest de Kommisje fan Ministers ien lid foar de Kommisje fan Eksperts út in list fan persoanen mei:

*“(…) of the highest integrity and recognised competence in the matters dealt with in the Charter (…)”.<sup>11</sup>*

Elk lid fan de KomEks wurdt keazen foar in termyn fan seis jier.<sup>12</sup>

## 3.4 Ferantwurdlikheden en plichten

Nederlân sjocht beskerming fan de Fryske taal as in plicht, sa as dúdlik wurdt út de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer:

*“Overwegende dat (...) Nederland zich als lidstaat van de Raad van Europa heeft verplicht het Fries te beschermen en te bevorderen door de ratificatie van het Kaderverdrag inzake de*

---

<sup>9</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

<sup>10</sup> *The Role of NGOs in the Implementation and Monitoring of the European Charter for Regional or Minority Languages*, webside Council of Europe.

<sup>11</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>12</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

*bescherming van Nationale Minderheden en het Europees Handvest voor regionale talen en talen van minderheden.”<sup>13</sup>*

It Hânfêst foar Regionale talen of Minderheidstalen neamt gjin gefolgen foar lidsteaten as sy net wurkje oan it ymplementearjen fan de ratifisearre paragrafen. Yn de praktyk hantearret de KomEks steviger taal as it ymplementearjen fan bepaalde paragrafen hieltyd net goed ferrint. Der kin ek presje útoefene wurde troch de Kommisje fan Ministers.<sup>14</sup> Oer de ferantwurdlikheid fan Nederlân seit ien fan de kaaieksperets op it mêd fan de KomEks:

*“Nederland heeft in 1998 vrijwillig getekend en geratificeerd. De staat heeft toen in overleg met de minderheidstasprekers keuzes gemaakt over wat ze willen beschermen en op welk niveau. Het is dus niet vrijblijvend. (...) De kracht van het Handvest is juist dat vastgehouden wordt aan de verplichtingen die zijn aangegaan en die geratificeerd zijn. (...) De lijn van een internationaal verdrag is dat een vrijwillige keuze gemaakt is om te ratificeren.”<sup>15</sup>*

---

<sup>13</sup> Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2013-2018, 2013.

<sup>14</sup> 13-11-2018 12:35:00

<sup>15</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

## 4 Ratifikaasje en monitoaring yn Nederlân

### 4.1 Skiednis fan de ratifikaasje troch Nederlân

Nederlân hat it Hânfêst yn 1992 ûndertekene, yn 1996 ratifisearre en yn 1998 is it yn wurking gien. Dêrmei wie Nederlân, mei Noarwegen, Lychtenstein, Hongarije en Finlân, ien fan de earsten.<sup>16</sup> Yn har *Memorie van Toelichting* út '95 oer it goedkarren fan it Hânfêst neamt Nederlân twa redenen om in protte omtinken te jaan oan it Hânfêst:

*“In de eerste plaats verschaft het Handvest een solide juridische basis aan de positie van de Friese taal binnen de provincie Friesland. Dit past in het vigerende kabinetsbeleid (...).”*

*“In de tweede plaats kan het Handvest bijdragen aan de bevordering van de stabiliteit in enkele Midden- en Oost-Europese lidstaten van de Raad van Europa. In de bedoelde lidstaten is de positie van linguïstische minderheden niet altijd ideaal, hetgeen tot politieke instabiliteit heeft geleid of kan leiden. Het is daarom van groot belang dat er in de vorm van dit Handvest een adequaat instrument tot stand komt om in deze landen als kader voor de rechten van linguïstische minderheden te fungeren.”<sup>17</sup>*

De Nederlânske oerheid hat der yn 1996 foar keazen om te ratifisearjen wat wetstechnysk al (hast) regele wie.<sup>18</sup> Dat kaam del op 48 paragrafen: 13 mear as wat ferplichte wie. It Ryk gong der yn 1995 fanút dat der gjin finansjele konsekwinsjes wêze soene:

*“Omdat het vigerende beleid inzake de Friese taal en cultuur als toetssteen is gehanteerd bij het overnemen van bepalingen uit deel III, leidt dit Handvest niet tot extra financiële lasten voor de rijksoverheid en voor de betrokken lagere overheden.”<sup>19</sup>*

Dat liket wol oars útpakt te hawwen: de KomEks hat de lêste 20 jier bytiden swiere krytyk jûn, benammen op it wichtige ûnderdiel ûnderwiis. Foar in skematyske werjefte fan de oardielen fan de KomEks, sjoch Skema 1. De Nederlânske oerheid hat sûnt de ratifikaasje dochs ek in oantal wichtige stappen setten, lykas de *Wet Gebrûk Fryske Taal* en nije ûnderwiiswetjouwing yn 2014 om ta in gruttere beskerming fan it Frysk te kommen.<sup>20</sup>

---

<sup>16</sup> *Chart of Signatures and Ratifications of Treaty 148*, webside Council of Europe.

<sup>17</sup> *Goedkeuring van Het Op 5 November 1992 Te Straatsburg Tot Stand Gekomen Europees Handvest Voor Streektaalen of Talen van Minderheden* (Trb. 1993, 1 En 199), *Memorie van Toelichting*, 1995.

<sup>18</sup> Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten; Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>19</sup> *Goedkeuring van Het Op 5 November 1992 Te Straatsburg Tot Stand Gekomen Europees Handvest Voor Streektaalen of Talen van Minderheden* (Trb. 1993, 1 En 199), *Memorie van Toelichting*, 1995.

<sup>20</sup> Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.



Skema 1: Oardiel fan de Kommisje fan Eksperts fan de Rie fan Europa oer it ymplementearjen fan de paragrafen, ratifisearre troch Nederlân. (Troch: Jorrit Huizinga)


Evaluaasjerapport	2001	2004	2007	2012	2016	
Article 8: Education	8.1.a.ii	Grien		Blau	Griis	
	8.1.b.ii	Grien		Blau	Griis	
	8.1.c.iii	Grien		Blau	Griis	
	8.1.e.ii	Grien				
	8.1.f.i	Grien	Grien			
	8.1.g	Grien	Griis	Grien		
	8.1.h	Grien	Blau			
	8.1.i	Grien				
	8.2	Grien				
Article 9: Justice	9.1.a.ii	f	Grien			
	9.1.a.iii	f	Grien			
	9.1.b.iii	f	Grien			
	9.1.c.ii	f	Grien			
	9.1.c.iii	f	Grien			
	9.2.b	f	Grien			
Article 10: Administrative authorities & public services	10.1.a.v	Grien				
	10.1.c	Grien				
	10.2.a-d	Grien				
	10.2.e-f	Grien				
	10.2.g	Blau	Grien			
	10.4.a	Grien				
	10.4.c	Grien	Griis	Grien		
	10.5	Grien	Grien			
Article 11: Media	11.1.a.iii	Grien				
	11.1.b.ii	Grien	Griis	Grien		
	11.1.c.ii	Grien	Griis	Grien		
	11.1.f.ii	f	Grien			
	11.2	Grien				
Article 12: Cultural activities & facilities	12.1.a	Grien				
	12.1.b	Grien				
	12.1.c	Grien				
	12.1.d	Grien				
	12.1.e	Grien	Griis	Blau	Grien	
	12.1.f	Griis	Grien			
	12.1.g	Grien				
	12.1.h	Grien				
	12.2	Grien				
	12.3	Grien		Grien		
Article 13: Economic and social life	13.1.a	g	Grien			
	13.1.c	g	Grien			
	13.1.d	Grien				
	13.2.b	Grien	Grien			
	13.2.c	Blau	Grien			
Article 14: Transfrontier exchanges	14.a	g	Grien			
	14.b	g	Griis	Grien		

Grien: ferfolle;  
 Read: net ferfolle;  
 Blau: foar in part ferfolle;  
 Griis: KomEks freget mear ynformaasje;

f: formeel ferfolle;  
 g: yn syn algemienens ferfolle;

## 4.2 Tiidskema rapportaazjes Nederlân

It earste periodike rapport yn 1999 wie op 'e tiid. Underwilens hat Nederlân fiif periodike rapportaazjes skreaun (1999, 2003, 2007, 2011 en 2015), wylst der sân op de planning stiene (1999, 2002, 2005, 2008, 2011, 2014, 2017) (Sjoch Skema 2)



Skema 2: Datums fan de periodike rapportaazjes fan Nederlân

Nederlân leveret dus periodike rapportaazjes yn mei in ynterfal fan fjouwer yn stee fan trije jier. Nederlân is net it iennichste lân dat de periodike rapporten net neffens ôfspraak oanleveret: It *European Language Equality Network (ELEN)* prate oer it fenomeen *Charter fatigue* en melde ôfrûne jier dat mar twa lidsteaten op skema wiene wat de periodike rapportaazjes oangiet.<sup>21</sup> Ut petearen mei de kaaieksperts op it mêd fan de KomEks docht bliken dat it efferinnen fan de lidsteaten hieltyd tanimt en dat periodike rapportaazjes faker útbestege wurde oan ôfdielings mei te min kapasiteit of kunde.<sup>22</sup>

Yn har evaluaasjerapporten sei de KomEks oer de gruttere ynterfals fan de periodike rapporten fan Nederlân:

*“The repeated delayed submissions of the periodical reports hamper the effectiveness of the monitoring mechanism. The Committee of Experts reminds the authorities of their duty to submit periodical reports “at three-yearly intervals after the first report”, in accordance with Article 15.1 of the Charter.”<sup>23</sup>*

Ut petearen mei kaaieksperts op it mêd fan de Nederlânske periodike rapportaazjes docht bliken dat de amtners dy't wurkje oan de rapportaazjes de rapportaazjepresje as heech, en de trijejerlikse omgong as problematysk ûnderfine:

*“In de beleidswereld beweegt alles zich in een cyclus van 4 jaar.”<sup>24</sup>*

<sup>21</sup> ECRML 25th Anniversary: ELEN Calls for Closer Cooperation between NGOs and Governments on Charter Implementation, webside ELEN.

<sup>22</sup> Kaaiekspert 1, op it mêd fan de Kommissje Fan Eksperts; Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommissje Fan Eksperts.

<sup>23</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>24</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

De belutsen amtners werkenne lykwols de fertraging net: der wurdt alle fjouwer jierren in rapport skreaun yn stee fan alle trije, en elk rapport sjocht werom nei de hiele perioade fan fjouwer jier.<sup>25</sup> Om de rapportaazjepresje te ferleegjen, soe it moai wêze as de rapportaazje foar it Hânfest gearfalle soe mei dy foar it *Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale Minderheden*: beide ferdragen behannelje soms tige besibbe thema's.<sup>26</sup>

### 4.3 Format fan de periodike rapportaazjes

De Rie fan Europa freget dat de lidsteaten harren periodike rapporten skriuwe neffens in yn it foar oanlevere format.

*“Er is een model voor het rapport en dat model moet worden gevolgd, zodat er een eenduidend advies kan worden uitgebracht en de vergelijking met het Handvest structureel kan worden opgezet en uitgevoerd. Het ministerie dat verantwoordelijk is voor het opstellen van het Rapport, krijgt tijdig een brief met een format, aan de hand waarvan het rapport geschreven moet worden.”<sup>27</sup>*

Dit brief befettet ek oandachtspunten: oer dizze punten wurdt de lidsteat frege om ekstra ynformaasje te jaan.<sup>28</sup> Opfallend is dat de earste trije periodike rapportaazjes fan Nederlân oars opsetten binne as de lêste twa: de earste trije folgje it format dat oanbean wurdt op de webside fan de Rie fan Europa<sup>29</sup>: yn dy rapporten beskriuwt Nederlân neffens paragraaf de stân fan saken oangeande it ymplementearjen. De lêste twa rapporten lykje fan dat format ôfstapt te wêzen en paragrafen wurde meastal net yndividueel bepraat, allinnich neffens ratifisearre artikel en soms wurde sels ferskate artikels gearfoege (bygelyks it haadstik “Judicial authorities, administrative authorities, and public services departments”<sup>30</sup>).

### 4.4 Missende ynformaasje

Foaral yn dy twa lêste rapporten mist geregeldwei ynformaasje oer de stân fan saken oangeande ratifisearre paragrafen. Mear ynformaasje oer hokker paragrafen oft net rapportearre wurde, folget yn haadstikken 6 oant 12. De KomEks meldt op dat mêd:

---

<sup>25</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>26</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>27</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje Fan Eksperts.

<sup>28</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>29</sup> *Revised Outline for Three-Yearly Periodical Reports to Be Submitted by Contracting Parties*, 5 June 2009.

<sup>30</sup> *Fifth Periodical Report of the Netherlands, 2012-2014*, 2015.

*“Besides the delayed submission of the periodical report, the Committee of Experts notes, as it was also the case in the previous monitoring cycle, that the fifth periodical report contains very limited information, in particular about the application of the Charter to the Part II languages.”<sup>31</sup>*

Amtners, dy't belutsen binne, by de periodike rapporten jouwe oan dat ynformaasje dy't de KomEks net weromfine kin yn it periodike rapport, faak jûn wurdt yn *Appendiks II* (de reaksje fan de Nederlânske minister op it evaluaasjer rapport fan de KomEks), en dat fan Nederlân net ferwachte wurde kin dat sy dy ynformaasje werhelje yn it folgjende periodike rapport.<sup>32</sup> Mar út it petear mei ien fan de eksperts op it mêd fan de KomEks docht bliken, dat de KomEks dy ynformaasje dochs echt yn it folgjende rapport weromsjen wol. Der kin fan de KomEks ommers net ferwachte wurde dat sy de ynformaasje dy't nedich is foar it evaluaasjer rapport út in taheakke fan it foarige rapport hellet.<sup>33</sup>

As Nederlân oer in bepaalde paragraaf net rapportearret, werhellet de KomEks yn it evaluaasjer rapport it advys fan it foarige evaluaasjer rapport. Missende ynformaasje is dêrtroch part fan de oarsaak fan it werheljen fan de advizen fan de KomEks.

## 4.5 Unienichheid

Foar ferskate paragrafen jouwe de belutsen amtners oan dat it Ryk it net iens is mei it oardiel fan de KomEks. Soms is der, neffens de amtners, gjin ferlet fan in fasiliteit foar de Fryske taal, bean troch in paragraaf (bgl. paragraaf 10.4.c), of Nederlân is fan betinken dat genôch regele is foar it ymplementearjen fan in paragraaf, mar de KomEks fynt dat dy ymplementaasje fierder gean moat (bgl. paragraaf 11.1.b.ii en paragraaf 11.1.c.ii) of yn in oare wet regele wurde moat.<sup>34</sup> Ut it petear mei de kaaiekspts blykt dat Nederlân net fan doel is om de eigen miening oer it ymplementearjen oan te passen oan dy fan de KomEks.<sup>35</sup> Ek is dúdlik wurden, dat de KomEks net maklik swichte sil.<sup>36</sup>

## 4.6 Oanbefellingen

- **De periodike rapportaazjes fan Nederlân moatte folslein wêze en punt foar punt de problematyske paragrafen bylâns gean.**

---

<sup>31</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*.

<sup>32</sup> Kaaiekspt 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>33</sup> Kaaiekspt 2, op it mêd fan de Kommisje Fan Eksperts.

<sup>34</sup> Kaaiekspt 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>35</sup> Kaaiekspt 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>36</sup> Kaaiekspt 2, op it mêd fan de Kommisje Fan Eksperts.

Nederlân liket him yn de lêste twa rapporten net te hâlden oan it oanlevere format foar de periodike rapportaazjes. Dat wol dwaan soe mooglik al ta ferbettering fan de oardielen fan de Kommisje liede kinne, omdat in part fan de negative oardielen liket te kommen troch net levere ynformaasje. It punt foar punt bepraten fan de “problematyske” paragrafen, sels as dat betsjut dat der ynformaasje út *Appendiks II* fan it foarige rapport werhelle wurde moat, foarkomt dat de oanpak fan bepaalde paragrafen (dy’t der soms wol is) net rapportearre wurdt.

- **Om de rapportaazjepresje te ferleegjen soe de periodike rapportaazje ien kear yn de fjouwer ynstie fan ien kear yn de trije jier skreaun wurde kinne.**

De *Charter fatigue* spilet net allinnich yn Nederlân: ek oare lannen rinne efter yn harren rapportaazjes.<sup>37</sup> Utsocht soe wurde kinne oft in rapportaazje-omgong fan fjouwer jier foar meardere of alle lidsteaten better wurkje soe. As dat it gefal is, kinne de lidsteaten en de Kommisje fan Ministers fan de Rie fan Europa mooglik ta nije ôfspraken komme. De KomEks kin dêryn gjin rol spylje.<sup>38</sup>

- **Nederlânske oerheid, KomEks en Fryskpraters moatte yn petear (bliuwe) oer in goede ymplementaasje fan de “problematyske” paragrafen.**

Hoe kinne de ferskillen fan miening tusken KomEks en Nederlân oer it ymplementearjen fan ferskate paragrafen oplost wurde? Hat Nederlân himsels ferplichte mei ratifikaasje fan it Hânfêst om it oardiel fan de KomEks oer te nimmen? As beide partijen gjin wetter by de wyn dogge, sil it oardiel oer it ymplementearjen fan dy paragrafen negatyf bliuwe. Dochs moat it mooglik wêze om ta oerienstimming te kommen: de measte paragrafen litte wat romte foar ynterpretaasje en kinne op sa’n wize ymplementearre wurde dat dy sinfol is foar de Fryske taal. Mooglik kinne Nederlân, Fryskpraters en KomEks yn petear oer hoe’t dy ymplementaasje der útsjen kin.

- **Der moat mear kontakt wêze tusken oerheid en Fryskpraters oer de stân fan saken fan it ymplementearjen fan it Hânfêst.**

It soe goed wêze as der, yn it ramt fan de periodike rapportaazje, standert in delegaasje fan de Nederlânske oerheid ôfreizgje soe nei Fryslân. In wichtich doel fan it Hânfêst is krekt om oerheid en minderheid mei elkoar wurkje te litten oan it beskermjen en befoarderjen fan it brûken fan in taal.<sup>39</sup> Dat kin allinnich as sy struktureel petear mei mekoar fiere. Sa kin de Nederlânske oerheid ek in byld krije fan hoe’t bepaalde paragrafen op it stuit ymplementearre binne en hoe’t it nut fan dy paragrafen foar de Fryske taal sa grut mooglik wêze kin, sadat de lêsten fan ymplementaasje opwage tsjin de baten.

---

<sup>37</sup> *Reports and Recommendations*, webside *Council of Europe Website*.

<sup>38</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje Fan Eksperts.

<sup>39</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje Fan Eksperts.

## 5 Oer de Bestjoersôfspraken Fryske Taal en Kultuer

### 5.1 De Bestjoersôfspraak as ark foar de ymplementaasje fan it Hânfêst

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (hjinnei BFTK) meitsje Ryk en provinsje tegearre ôfspraken oer it befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer yn de neikommende jierren. Ynspannings dy't nedich binne om de ôfspraken te realisearjen, wurde ferdielt tusken Ryk en provinsje. Om ta goede ôfspraken te kommen, wurdt ek oerlis fierd mei maatskiplike ynstânsjes yn Fryslân en de evaluaasjerapporten fan de KomEks wurde meinaam.

Hoewol't de earste Bestjoersôfspraak makke is lang foardat it Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen ratifisearre waard, is sûnt de ratifikaasje it ymplementearjen fan it Hânfêst in wichtich ûnderwerp yn de BFTK. Ut it eachpunt fan it Hânfêst is de BFTK de wichtichste rûte dêr't it ymplementearjen lâns plakfynt.<sup>40 41</sup>

De BFTK is ek opnaam yn de *Wet Gebrûk Fryske Taal (2013)*<sup>42</sup>, Artikel 2a:

*“Gelet op de gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht voor de Friese taal en cultuur maken het Rijk en de provincie Fryslân periodiek bestuursafspraken ter uitwerking van de verantwoordelijkheid inzake de Friese taal en cultuur. Vanwege de internationale verdragsafspraken op dit terrein kunnen de bestuursafspraken ook voor de Friese taal en cultuur relevante beleidsterreinen omvatten die liggen buiten het gebruik van de Friese taal in het bestuurlijk verkeer en in het rechtsverkeer.”*

Der hawwe, sûnt it ratifisearjen, twa BFTK's west, ien yn 2001<sup>43</sup> en ien yn 2013.<sup>44</sup> Dêrneist wurdt elke BFTK nei in pear jier evaluatearre: wat komt terjochte fan de ôfspraken dy't makke binne?

Foar in goede ymplementaasje fan it Hânfêst is it fansels wichtich dat yn de BFTK konkrete ôfspraken makke wurde oer de ratifisearre paragrafen, dat dy ôfspraken foldwaande ambisjeus binne en dat se neikaam wurde. Ut ien fan de petearen mei de kaaiekspts docht bliken dat soks net altiten it gefal is.<sup>45</sup>

---

<sup>40</sup> Kaaiekspt 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>41</sup> *Bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2001-2010*, 2001.

<sup>42</sup> *Wet Gebruik Friese Taal geldend van 01-01-2014 t/m Heden*, 2013.

<sup>43</sup> *Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2001-2010*, 2001.

<sup>44</sup> *Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2013-2018*, 2013.

<sup>45</sup> Kaaiekspt 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

*“Soms is eat fager omskreaun omdat der safolle ferskate ynstânsjes binne dy’t sels net meiskriuwe oan de BFTK. Hoe skerper eat formulearre wurdt, hoe dreger faak ek de ûnderhannelingen deroer. Soms is it ek gewoan noch net dúdlik hoe’t eat oppakt wurde sil.”<sup>46</sup>*

Dúdlik is ek dat net alle paragrafen dêr’t de KomEks krityk op jûn hat weromkomme yn de BFTK (paragrafen 10.4.c, 11.1.b.ii, 11.1.c.ii, 12.1.e, 12.1.f, 12.3 wurde yn beide BFTK’s net neamd). Ek lykje de ambysjes sa’t dy formulearre binne yn de BFTK net altiten like heech: sa wurdt der, bygelyks op it mêd fan ûnderwiis, hast neat sein oer ferheging fan it oandiel Frysk op de skoallen.<sup>47</sup> Fierder lykje de yntinsjes yn de BFTK bytiden net realisearre te wurden (bygelyks de yntinsje om modeloardingjen yn te fieren foar 2004, of de yntinsje om taalbelied yn de soarch te hawwen foar 2015: mear hjiroer is te finen yn de haadstikken 8 en 11 fan dit rapport).

## 5.2 Oanbefellingen

- **Foar in goede ymplementaasje fan it Hânfêst is it wichtich dat alle paragrafen dy’t gjin goed oardiel krije fan de KomEks, oan bod komme yn de BFTK.**

Dúdlik is dat de BFTK sintraal stiet yn it ymplementearjen fan it Hânfêst. As de oardielen en advizen fan de KomEks net oankaarte wurde yn de BFTK, is de kâns op ferbettering lyts. Fansels is it dus tige wichtich dat alle paragrafen dêr’t it ymplementearjen problematysk fan is, oan bod komme en dat yn de plannen foar de oanpak fan it ymplementearjen rekken holden wurdt mei de advizen fan de KomEks.

- **De effektiviteit fan ôfspraken dy’t makke binne yn de BFTK soe evaluearre wurde kinne.**

It idee efter de BFTK, in periodyk oerlis tusken oerheid en provinsje, is poerbêst. It hjoeddeiske funksjonearjen fertsjinnjet in evaluaasje. Hoe wurdt omgien mei paragrafen dêr’t de KomEks krityk op jûn hat? Hokker ôfspraken wurde wol en hokker net realisearre en wêrom net?

---

<sup>46</sup> Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>47</sup> *Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2013-2018*, 2013.

## 6 Artikel 8: Underwiis - skiednis en stân fan saken fan it ymplemintearjen

De folgjende paragrafen fan Artikel 8: Underwiis binne ratifisearre troch de Nederlânske oerheid:

*“8.1. With regard to education, the Parties undertake, within the territory in which such languages are used, according to the situation of each of these languages, and without prejudice to the teaching of the official language(s) of the State:*

*a(ii) to make available a substantial part of pre-school education in the relevant regional or minority languages;*

*b(ii) to make available a substantial part of primary education in the relevant regional or minority languages;*

*c(ii) to make available a substantial part of secondary education in the relevant regional or minority languages;*

*e(ii) to provide facilities for the study of these languages as university and higher education subjects;*

*f(i) to arrange for the provision of adult and continuing education courses which are taught mainly or wholly in the regional or minority languages;*

*g to make arrangements to ensure the teaching of the history and the culture which is reflected by the regional or minority language;*

*h to provide the basic and further training of the teachers required to implement those of paragraphs a to g accepted by the Party;*

*i to set up a supervisory body or bodies responsible for monitoring the measures taken and progress achieved in establishing or developing the teaching of regional or minority languages and for drawing up periodic reports of their findings, which will be made public.*

*8.2. With regard to education and in respect of territories other than those in which the regional or minority languages are traditionally used, the Parties undertake, if the number of users of a regional or minority language justifies it, to allow, encourage or provide teaching in or of the regional or minority language at all the appropriate stages of education.”<sup>48</sup>*

---

<sup>48</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*



It Frysk ûnderwiis bûten it “Fryske territoarium” is eins net oan de oarder, om’t amper praat wurde kin fan Frysktalige mienskippen bûten de provinsje. Paragraaf 8.2 sil dan ek bûten beskôging litten wurde.

## 6.1 Skiednis fan it ymplementearjen

Artikel 8, it earste artikel fan part III fan it Hânfêst, rjochtet him op it ynpassen fan regionale en minderheidstalen yn it ûnderwiis. De wichtigens fan it artikel is yn it *Explanatory Report* (ER) fan 1992 sa ferwurde:

*“A crucial factor in the maintenance and preservation of regional or minority languages is the place they are given in the education system.”*<sup>49</sup>

It ymplementearjen fan Artikel 8 liket fan alle artikels fan it Hânfêst it dreechst (sjoch skema 1). De grutste problemen neffens de KomEks lizze op it mêd fan it Frysktalich oanbod yn it foarskoalsk, primêr en sekundêr ûnderwiis, ûnderwiis yn Fryske skiednis en kultuer, en it oanbod fan training foar dosinten.

6.1.1 Oangeande paragraaf 8.1.a(ii): *“to make available a substantial part of pre-school education in the relevant regional or minority languages”*;

Yn de earste rapportaazje-omgong wiene der sân foarskoalske groepen yn Fryslân dêr’t offisjeel Frysk yn praat waard.<sup>50</sup> Yn 2015 binne dat der 180.<sup>51</sup> Degrutte foarútgong liket de reden te wêzen dat de KomEks yn har lêste evaluaasje-omgong dy paragraaf as foar in part ferfolle beoardielet. De reden dat gjin folslein posityf oardiel jûn wurdt, is om’t it oanbod yn de Fryske stêden net temjitte liket te kommen oan de fraach.<sup>52</sup>

6.1.2 Oangeande paragraaf 8.1.b(ii): *“to make available a substantial part of primary education in the relevant regional or minority languages en paragraaf 8.1.c(ii): to make available a substantial part of secondary education in the relevant regional or minority languages”*;

Yn syn algemienens kin oer dy paragrafen sein wurde dat it oandiel Frysk op it basis- en fuorset ûnderwiis sûnt de ratifikaasje, neffens de KomEks, fierstente leech wie en is om te foldwaan oan de omskriuwing “substansjeel”: it oandiel Frysk op basiskoallen leit op sa’n heal oere yn de wike, keffens de KomEks. It oandiel op it fuortset ûnderwiis op in oere yn de wike, mar allinnich yn it earste jier. Derneist binne der op

---

<sup>49</sup> *Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, 1992.

<sup>50</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>51</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>52</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

it fuortset ûnderwiis yn hiel Fryslân inkele tsientallen learlingen dy't eksamen yn it Frysk dogge.<sup>53</sup> De KomEks seit dat sa'n hoemannichte Frysk net genôch is om goede Fryske taalfeardigens te ûntwikkeljen en dat in trochgeande learline op it fuortset ûnderwiis ûntbrekt.

Nederlân hat yn har periodike rapporten in oantal stappen oankundige op it mêd fan ûnderwiis, net allegear posityf: sa wie der it plan om de kearndoelen foar it Frysk te ferleegjen en om Frysk op it fuortset ûnderwiis opsjoneel te meitsjen.<sup>54</sup> Beide plannen binne net trochgien. Mar der hawwe ek positive feroarings west: de KomEks is wiis mei de nije metoade Frysk, *Studio F*, makke wilens de tredde rapportaazje-omgong en ek mei it projekt *trijetalige skoallen*: op dy skoallen is it oandiel Frysk folle grutter: offisjeel 30% fan de lestiid. Yn de lêste rapportaazje-omgong wiene der 73 trijetalige skoallen, dêr't 30 fan sertifisearre wiene.<sup>55</sup>

6.1.3 Oangeande paragraaf 8.1.e(ii) to provide facilities for the study of these languages as university and higher education subjects;

De paragraaf giet oer it beskikber meitsjen fan heger- en universiteitsûnderwiis yn it Frysk. Yn it earste evaluaasjerapport fan de KomEks is dy beoardiele as foar in part behelle, mei as kritykpunt dat der net genôch finansjele stipe op dit mêd wie.<sup>56</sup> Yn de twadde periodike rapportaazje wurdt dúdlik dat dy stipe der wol is<sup>57</sup> en dy paragraaf is dêrnei altyd goedkard, mar der wurdt wol advisearre om de posysje fan it Frysk yn it heger ûnderwiis te fersterkjen. Mei de lêste periodike rapportaazje út Nederlân wei wie der in nije Bachelor en Master-oplieding Multilingualism oan de Ryksuniversiteit Grins, dy't ûnderwiis foar it Frysk op Masternivo garandearret. De KomEks is dêrmei tefreden.<sup>58</sup>

6.1.4 Oangeande paragraaf 8.1.f(i): *“to arrange for the provision of adult and continuing education courses which are taught mainly or wholly in the regional or minority languages”*;

8.1.f.i giet oer it beskikber meitsjen fan folwoeksene- en ferfolchedukaasje dy't benammen of folslein yn it Frysk jûn wurdt. De paragraaf waard yn it earste rapport noch net goedkard, om't der gjin bewiis wie dat soks yn de praktyk ek beskikber makke waard, neist inisjativen fan private ynstellings lykas de Afûk.<sup>59</sup> Yn de folgjende rapporten is dy paragraaf hieltyd as foldien beskôge, krekt troch de rol fan de Afûk. Yn harren twadde rapport neamt de KomEks it oantal kursussen dat de Afûk organisearre en harren oare inisjativen. Oer it wurk fan de Afûk is de KomEks hiel tefreden, wat oanjout dat de Afûk op dit mêd wichtich is.

---

<sup>53</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2012; Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>54</sup> Committee of Experts on the Charter, *Third Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2007.

<sup>55</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>56</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>57</sup> Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2004.

<sup>58</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>59</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

De KomEks jout yn datselde rapport (2004) as oanbefelling dat der goed op tasjoen wurde moat dat de trainingssintrums de oanbefellings, neamd yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (2001)<sup>60</sup>, oernimme.<sup>61</sup> De Nederlânske oerheid jout yn harren reaksje op de rapporten fan de KomEks oan dat de regionale trainingssintrums (ROC Friese Poort en Friesland College) yn Fryslân frij binne om Frysk oan harren kursussen ta te foegjen. Nederlân seit yn har periodike rapportaazje sels dat dêr “mooglikheden foar bean” binne.<sup>62</sup> Yn lettere rapporten fan de KomEks hawwe der gjin opmerkings west.

6.1.5 Oangeande paragraaf 8.1(g): *“to make arrangements to ensure the teaching of the history and the culture which is reflected by the regional or minority language”;*

Yn de earste rapportaazje-omgong liket der gjin les jûn te wurden oer Fryske skiednis of kultuer. Materialen binne der ek net. It twadde periodike rapport fan Nederlân meldt dat, ek al kriget dit part net eksplisyt omtinken yn Nederlânske wetjouwing, der wol aksje ûndernommen wurdt om lesmateriaal te ûntwikkeljen. De BFTK fan 2001 hat ien rigel opnommen hjeroer:

*“2.4.4. Er is aandacht voor de Friese taal en cultuur bij de uitwerking van projecten op het gebied van cultuureducatie.(...) Inspanning: provincie”.*<sup>63</sup>

Mar omdat der gjin konkrete útwurking fan dy rigel liket te wêzen kart de KomEks de paragraaf yn de twadde omgong noch hieltyd net goed. Yn it tredde periodike rapport fan Nederlân wurdt sein dat it Ryk en de provinsje oparbeidzje wolle om ûntwikkeling fan lesmateriaal op it mêd fan Fryske kultuer en skiednis te stimulearjen en dat it ûntwikkeljen fan ‘regionale kanons’ stimulearre wurdt.<sup>64</sup> Dêrneist jout in rapport noch in soad ynformaasje oer it *Fokus Fryslân* projekt fan 2005 en 2006, oer “wenjen hjoed en juster”, en oer de kursussen skiednis fan de Afûk.

Neffens ien fan de kaaiekspts is der yndie lesmateriaal makke wat de Fryske Kanon oangiet, wat de KomEks ferwolkomet yn it tredde evaluaasjerapport. Yn it fjirde en fiifde periodike rapport wurdt dy subparagraaf net troch Nederlân behannele. Yn de meast resinte BFTK (2013-2018), wurdt kultuuredukaasje hielendal net neamd. De KomEks hallet har ynformaasje fan in oar plak wei en stelt dat, op it stuit fan de fiifde rapportaazje-omgong, 30 basisskoallen en 20 skoallen foar it fuorset ûnderwiis it materiaal oer de Fryske Kanon brûke. De KomEks wiist op de siswize “to ensure” yn de ûndertekene paragraaf en kart it ymplemintearjen net goed.

---

<sup>60</sup> Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2001-2010.

<sup>61</sup> Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2004.

<sup>62</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001* 2003.

<sup>63</sup> Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2001-2010, 2001.

<sup>64</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007*, 2007.

6.1.6 Oangeande paragraaf 8.1(h): *“to provide the basic and further training of the teachers required to implement those of paragraphs a to g accepted by the Party”*;

8.1.h, de paragraaf dy't oer it oplieden fan dosinten giet, is in paragraaf dy't hieltyd foar in part goedkard wurdt. De KomEks jout as krytykpunten dat te folle lesjouters op basis- en fuortset ûnderwiis gjin foech hawwe (40% fan de lesjouters yn de lêste rapportaazje-omgong<sup>65</sup>), dat der te min dosinten Frysk opliede wurde op de HBU's en dat der sa min Frysk jûn wurdt op it fuortset ûnderwiis dat in dosint Frysk net fulltime op in skoalle oan it wurk kin.<sup>66</sup> Dêrneist is der gjin omtinken foar it Frysk op de opliedingen foar groepsliders foar it foarskoalsk ûnderwiis.<sup>67</sup>

Yn har fjirde rapport seit Nederlân dat sy de kar om Frysk te jaan op de ROC's oerlitte wolle oan de opliedingen sels. Yn har fiifde rapport jout Nederlân gjin omtinken oan Frysk foar groepsliders op it fuorskoalsk ûnderwiis.

6.1.7 Oangeande paragraaf 8.1(i): *“to set up a supervisory body or bodies responsible for monitoring the measures taken and progress achieved in establishing or developing the teaching of regional or minority languages and for drawing up periodic reports of their findings, which will be made public”*.

As it giet om de monitoaring fan it Frysk ûnderwiis hat Nederlân neffens de rapportaazje fan de KomEks hieltyd oan de paragrafen foldien. Yn it earste evaluaasjerapport stelt de Kommisje<sup>68</sup> oer paragraaf 8.1.i dat de ûnderwiisynspeksje fungearret as ynstelling om it ûnderwiis yn it Frysk te monitoarjen. De Kommisje fan Eksperts jout oan derop te fertrouwen, dat de ûnderwiisynspeksje soarch draacht foar it opstellen fan periodike rapporten fan alle nivo's fan ûnderwiis. Op it momint fan it earste evaluaasjerapport, hold de ynspeksje in enkête om it brûken fan Frysk yn it ûnderwiis te evaluatearjen. Yn it rapport fan 2004, hat de KomEks it rapport fan de ynspeksje noch net ûntfongen,<sup>69</sup> mar yn 2007 wol. Ek hat Nederlân 250 oeren yn it jier tasein oan de ynspeksje om it Frysk op skoallen te kontrolearjen.<sup>70</sup> Yn 2009-2010 wurdt it rapport fan de ynspeksje útbrocht, mar dat is dan fuortdalik ek it lêste rapport.<sup>71</sup> Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 stiet noch:

*“De ynspeksje foar it ûnderwiis sjocht ta op de realisasjes fan de keardoelen Frysk”.*

---

<sup>65</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>66</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016

<sup>67</sup> Committee of Experts on the Charter, *Third Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2007.

<sup>68</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>69</sup> Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2004.

<sup>70</sup> Committee of Experts on the Charter, *Third Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2007.

<sup>71</sup> Ynspeksje fan it ûnderwiis, *Tusken Winsk en Wirklikheid: De kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân* (Utrecht, 2010).

Mar sûnt it rapport fan 2009-2010 is der neat mear ferskynd: twa fan de kaaiekspts op it mêd fan it ûnderwiis jouwe oan dat de ynspeksje it Frysk “eins net” kontrolearret.<sup>72</sup> De ynspeksje seit te min konkrete gegevens te hawwen om in rapport útbringe te kinnen.<sup>73</sup> Yn it fiifde evaluaasjerapport freget de KomEks om mear ynformaasje fan de Ryksoerheid.<sup>74</sup> It soe kinne, dat 8.1(i) yn in folgjende evaluaasjerapport net goedkard wurde sil troch de KomEks.

## 6.2 Wat is goed gien?

Hoewol't it oandiel Frysk te min omheech gien is yn de lêste 20 jier, binne der positive stappen setten mei de start fan de trijetalige skoallen, de ûntwikkeling fan goede lesmaterialen foar foarskoalsk-, primêr- en fuortset ûnderwiis. Ek is der neffens it rapport fan de KomEks en ien fan de kaaiekspts lesmateriaal makke dat de Fryske Kanon oangiet. Oan it beskikber stellen fan lesmateriaal op dat mêd is dus foldien.<sup>75</sup>

### 6.2.1 Oerheveling taken fan Ryk nei provinsje

Nei druk fan de Kommisje fan Eksperts<sup>76</sup> is de Kommisje Hoekstra ynsteld troch de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes<sup>77</sup>, ek nei oanlieding fan it eardere advys fan de Kommisje Lodders<sup>78</sup> oer it desintralisearjen fan it ûntheffingsfoech fan Ryk nei provinsje. It advys fan de Kommisje Hoekstra hat der ta laat dat ek it foech om kearndoelen foar it Frysk op te stellen nei de provinsje tagien is. De ferantwurdlikheid leit noch altyd by it Ryk, mar de útfiering leit no by de provinsje. Dit liket, mei de start fan it Taalplan Frysk, in positive en ambisjeuze ûntjouwing.

Mei it Taalplan Frysk wurdt objektyf yn kaart brocht hoe't it Frysk op skoallen derfoar stiet en wat skoallen nedich hawwe. Underwiisynspeksje wurdt ek yn it proses meinommen. Skoallen krije in profyl, ôfstimd op de kearndoelen foar it Frysk (skriuwe, prate, lêze, ferstean, positive attitude, en taalbeskôging). In skoalle mei profyl A foldocht oan alle kearndoelen en kriget dus gjin ûntheffings. Folsleine ûntheffing is allinnich mooglik bûten it Fryske taalgebiet, sa as de Stellingwerven en de eilannen. De bydrage út de *Materiële Instandhouding Fries* (MIF) wei wurdt oars ferdield as earder. Eartiids waard de MIF, jild foar skoallen yn Fryslân om't se in ekstra fak jaan moatte, ferdield nei it oantal learlingen de skoalle. Skoallen

---

<sup>72</sup> Kaaiekspt 5, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis; Kaaiekspt 7, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>73</sup> Kaaiekspt 7, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis

<sup>74</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2016.

<sup>75</sup> Kaaiekspt 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>76</sup> Kaaiekspt 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

<sup>77</sup> Stuurgroep decentralisatie Friese taal van Rijk naar provincie Fryslân, *Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân* (Den Haag: Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, 7 febrewaris 2010).

<sup>78</sup> Gemengde commissie decentralisatievoorstellen provincies, *Ruimte, Regie En Rekenschap* (Den Haag, 17 maart 2008).

krigen dus allinnich ôfhinklik fan it oantal learlingen jild, en net ôfhinklik fan hoefolle oft se diene oan it Frysk. No't de profilen opsteld binne, wurdt de MIF oan dy profilen keppele. Sa krije skoallen dy't minder oan it Frysk dogge net mear like folle jild foar it Frysk as skoallen dy't dêr mear oan dogge.<sup>79</sup>

De ambysje is om yn 2030, nei trije omlopen (skoallen kinne in ûntheffing krije foar fjouwer jier), dat alle skoallen alle kearndoelen behelle hawwe, en skoallen dus gjin ûntheffings mear krije (hoege). Dêrta wol de provinsje in ambysjebudzjet ynstelle: skoallen kinne in oanfraach dwaan om de groei nei in heger profyl mooglik te meitsjen. It jild kin brûkt wurde foar de byskoalling fan dosinten, it oannimmen fan memmetaalsprekkers, mear lesmateriaal, ensfh. Dat jild soe dan boppe-op it MIF-jild komme. Sa wurde skoallen stimulearre om yn in heger profyl te kommen.<sup>80</sup>

### 6.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

Neffens de rapportaazje fan de KomEks giet it net goed mei it Frysk yn it foarskoalsk, primêr en fuortset ûnderwiis. Ferskate kearen oan bod kaam by de petearen mei de kaaiekspts is de ynterpretaasje fan de term "substansjeel".<sup>81</sup> Neffens in oantal kaaiekspts fine skoallen en it Ryk dizze term fierstente breed ynterpretabel. Neffens de Kommisje fan Eksperts betsjut de term it minimum fereaske dat nedich is om in taal te learen, mei in trochgeande learline fan foarskoalsk nei fuortset ûnderwiis: learlingen moatte ek eksamen dwaan kinne op dat nivo. Bart dat net, dan krije je gjin studinten en as gefolch ek gjin nije dosinten Frysk. It minimum fereaske om in taal te learen is wittenskiplik ûndersocht en de term "substansjeel" is dêrom, neffens de KomEks hielendal net sa faach.<sup>82</sup>

#### 6.3.1 Foarskoalsk ûnderwiis

Yn it foarskoalsk ûnderwiis stiet de wet ta dat der Frysk brûkt wurdt, mar der wurdt gjin ramt jûn en der wurde gjin ferplichtings steld oan berne- en pjutteopfangen. Neffens in kaaiekspt op it mêd fan ûnderwiis is krekt op de leeftiid dat bern nei it foarskoalsk ûnderwiis gean, de memmetaal wichtich, om't de ûnderfining leart dat wannear't Fryske bern nei in Nederlânsktalige omjouwing geane se de Fryske taal ferlieze.<sup>83</sup> De kaaiekspt op it mêd fan de KomEks seit dêroer:

*"Het is een recht van de mens om z'n moedertaal te spreken: daarom is het juist nodig om het Fries ook voorschools mogelijk te maken. (...) De taalwet zegt dat iedereen recht heeft om Fries*

---

<sup>79</sup> Beleidsregel ontheffing vak Fries, *Provinciaal Blad*, 2015.

<sup>80</sup> Kaaiekspt 8, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis

<sup>81</sup> Kaaiekspt 3 En 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk; Kaaiekspt 5, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis; Kaaiekspt 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>82</sup> Kaaiekspt 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts

<sup>83</sup> Kaaiekspt 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

*te spreken: dat geldt ook voor een kind van twee. Wettelijk is het geregeld: implementatie, daar schort het vaak aan.*<sup>84</sup>

Yn 2012 hat de KomEks de Nederlânske oerheid frege om yn harren rapportaazje oan te jaan en te ûndersykjen oft it oanbod fan Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis oanslút op de fraach fan âlders. De Nederlânske oerheid hat net op dat fersyk reagearre: yn de folgjende periodike rapportaazje is it net oan bod kaam.<sup>85</sup> Praktysk docht it bliken, neffens de ekspert op it mêd fan foarskoalsk ûnderwiis, dat âlders faak sels net oer Frysk op de opfang begjinne, mar as je harren der nei freegje, dat se dan wol entûsjast binne. Opfanglokaasjes moatte dus sels motivearre wurde.<sup>86</sup>

De ûnderfining fan ien fan de kaaieksperts op it mêd fan ûnderwiis is dat as de omjouwing Frysk-Nederlânsk is, it Frysk ûndersnijd wurdt. Dêrom is it wichtich dat der Frysktalige opfang komt, ynstie fan meartalige, lykas dat ek it gefal is yn oare minderheidtaalregio's. Foar de Nederlânske taalfeardigens hat dat, neffens de kaaiekspert, gjin gefolgen: dêr komme de bern fansels mei yn oanrekking.<sup>87</sup>

Yn tsjinstelling ta it fierdere ûnderwiis, is berneopfang de ferantwurding fan it Ryk. De provinsje Fryslân stipet de Stichting Frysktalige Berneopfang (SFBO) finansjeel om it Frysk op de berneopfang te befoarderjen. Mar neist de berneopfang hantearret it Ryk ek noch in term, "foarskoalske edukaasje" (VVE – vroege voorschoolse educatie), dy't bedoeld is foar bern mei in Nederlânske taalefterstân. Yn dy foarm fan edukaasje, dy't jûn wurdt op pjutteboartersplakken, leit it aksint op it ynrinnen fan dy taalefterstân en is it lestich om foaral of allinnich Frysk te praten<sup>88</sup>.

### 6.3.2 Primêr ûnderwiis

Ut it petear mei de kaaiekspert docht bliken, dat yn it primêr ûnderwiis in hiel grut ferskil is tusken skoallen ûnderling yn hoefolle't se dogge oan Fryske les. Op guon skoallen hâldt it mei in projektlike it jier wol op. In probleem is dat it kurrikulum lanlik fêstlein wurdt en dat der mar in bytsje romte is foar it Frysk. Sûnt de ynstelling fan de KomEks en de oerheveling fan taken en it troch de provinsje opstellen fan keardoelen foar it Frysk, is dêr wol mear romte foar kaam.<sup>89</sup>

### 6.3.3 Fuortset ûnderwiis

Yn it fuortset ûnderwiis wurdt te min dien oant it Frysk. Faak is it sels sa, dat skoallen tinke dat Fryske les allinnich ferplichte is yn it earste jier, mar it is ferplichte foar de hiele ûnderbou.<sup>90</sup>

---

<sup>84</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommissje fan Eksperts.

<sup>85</sup> *Fourth Periodical Report of the Netherlands, 2008-2011*, 2011.

<sup>86</sup> Kaaiekspert 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>87</sup> Kaaiekspert 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>88</sup> Kaaiekspert 8, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>89</sup> Kaaiekspert 8, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>90</sup> Kaaiekspert 8, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

#### 6.3.4 Oplieden fan Fryske groepslieders en dosinten

De KomEks hat foaral krityk op de oplieding fan groepslieders. Neffens ien fan de kaaiekspts op it mêd fan ûnderwiis, rjochtet Frysk taalbelied him mear op de learare-opliedings op it HBU, en net op it MBU as boarne foar nije leararen.<sup>91</sup>

Opfallend is dat der yn de BFTK fan 2013-2018 wol ôfspraken makke binne oer Frysk foar groepslieders op de ROC's:

*“De ROC's zullen gedurende deze bestuursafpraak gestimuleerd worden om de module meertaligheid gedurende deze bestuursafpraak verder te integreren in het curriculum van de opleiding tot pedagogisch medewerker / onderwijsassistent (Pedagogisch Werk) op de Friese Poort en het Friesland College...”<sup>92</sup>*

De SFBO hat kontakt mei de ROC's dêr't de groepslieders fan berneopfangs traind wurde oer Fryske taalfeardigens. De SFBO jout kursussen en helpt mei it ûntwikkeljen fan lesmateriaal op dit mêd.<sup>93</sup>

Dy ynformaasje liket tige relevant foar it fiifde periodike rapport fan Nederlân. It is net dúdlik wêrom dy net jûn is.

#### 6.3.5 Les yn Fryske kultuer en skiednis

De KomEks fynt dat der te min omtinken is foar Fryske kultuer en skiednis op skoallen. Ut petearen mei in kaaiekspt op it mêd fan kultuer die blike dat der mear dien wurdt op dit mêd op skoallen as fermelde yn de periodike rapporten: teaterselskip Tryater makket in soad jeugd- en jongereinteaeter, en wikselet Frysk en Nederlânsk teater ôf.<sup>94</sup> Se hawwe likernôch 250 foarstellings jiers keppele oan in edukatyf programma mei bepaalde tema's, dêr't taal ek in rol yn spilet. Tryater is ek belutsen by Kultueredukaasje mei Kwaliteit (KEK), dat dosinten ynspirearret en stipet by kultueredukaasje. It is net dúdlik wêrom dy aktiviteiten net neamd wurde yn de periodike rapporten fan Nederlân.

## 6.4 Oanbefellingen

- **Der moat in ambysjebudzjet komme om skoallen te stimulearjen mear te dwaan oan Frysk taalûnderwiis.**

It Taalplan Frysk liket in hiel wichtige stap yn de rjochting fan mear Frysk yn it primêr ûnderwiis. It is in middel om skoallen te stimulearjen om mear te dwaan. It ambysjebudzjet liket in effektyf middel om

---

<sup>91</sup> Kaaiekspt 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>92</sup> De Staat der Nederlanden and De provincie Fryslân, *Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2013-2018*.

<sup>93</sup> Kaaiekspt 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

<sup>94</sup> Kaaiekspt 15, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten.



de skoallen fan boppe-ôf te stimulearjen om mear te dwaan mei it Frysk, mar dêr moat wol jild foar frijkomme.

- **Fryske kultuer- en skiednisedukaasje soe opnaam wurde kinne yn de keardoelen.**

De keardoelen geane no allinnich oer Fryske taalfeardigens: sûnt Nederlân tasein hat om der wis fan te wêzen dat der omtinken jûn wurdt oan Fryske kultuer en skiednis, soene dy ûnderwerpen tafoege wurde kinne oan de keardoelen.

- **Draachflak foar Frysk ûnderwiis by skoallen en âlders moat fergutte wurde, bygelyks troch it promoatsjen fan de foardielen fan meartaligens en it promoatsjen fan de Fryske taal.**

Stimulearring fan ûnderop is wichtich: âlders moatte entûsjast makke wurde en wiisd wurde op de foardielen fan Frysk op skoalle en yn it foarskoalsk ûnderwiis. Neffens de ûnderfining fan ien fan de kaaieksperts op it mêd fan foarskoalsk ûnderwiis sjogge âlders faak it belang wol, as sy der op wiisd wurde, mar begjinne se der sels net gau oer. Mear draachflak yn de Fryske mienskip kin ûntwikkele wurde troch bygelyks ûndersyk nei de foardielen fan meartaligens te promoatsjen.

- **Yn de provinsje Fryslân moat in better wetlik ramt komme foar it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis.**

Yn it foarskoalsk ûnderwiis docht bliken dat it benammen oan in ramt ûntbrekt. De wet dat yn it foarskoalsk ûnderwiis yn Fryslân Frysk praat wurde mei, is te frijbliuwend.

- **Der moat oerienstimming komme oer de term “substansjeel”.**

“Substansjeel”: foldocht it Frysk ûnderwiis oan dy term of net? In “trochgeande learline” mei as einresultaat jongerein dy’t fan skoalle komme mei goede Fryske taalfeardigens is tige befoarderlik foar de Fryske taal. In goed plak foar in útlis fan dy term soe de BFTK wêze. Mooglik kin dy útlis basearre wurde op ûndersyk oer hoefolle oeren taalles oft nedich binne om ta goede Fryske taalfeardigens te kommen.

- **De kommunikaasje tusken it Ryk en de ynstânsjes, en tusken it Ryk en de KomEks, moat better.**

De KomEks kin gjin goede beoardieling jaan as it Ryk gjin ynformaasje jout yn harren periodike rapporten, wat benammen yn de lêste rapporten hieltyd bart. It docht bliken, dat it Ryk net alles rapportearret oer wat der bart op it mêd fan foarskoalske en kultueredukaasje.

- **Foar goed Frysktalich ûnderwiis moat der periodyk tafersjoch wêze op de kwaliteit troch de ûnderwiisynspeksje en moatte der, at it heal kin, positive en stimulearjende konsekwinsjes oan de resultaten fan dy ynspeksje ferbûn wurde.**

## 7 Artikel 9: Gerjochtlike autoriteiten - skiednis en stân fan saken fan it ymplementearjen

De folgjende paragrafen fan Artikel 9: Gerjochtlike autoriteiten binne ratifisearre troch de Nederlânske oerheid:

*“9.1. The Parties undertake, in respect of those judicial districts in which the number of residents using the regional or minority languages justifies the measures specified below, according to the situation of each of these languages and on condition that the use of the facilities afforded by the present paragraph is not considered by the judge to hamper the proper administration of justice:*

*in criminal proceedings:*

*a(ii) to guarantee the accused the right to use his/her regional or minority language;*

*a(iii) to provide that requests and evidence, whether written or oral, shall not be considered inadmissible solely because they are formulated in a regional or minority language;”*

*in civil proceedings:*

*b(iii) to allow documents and evidence to be produced in the regional or minority languages, if necessary by the use of interpreters and translations;*

*in proceedings before courts concerning administrative matters:*

*c(ii) to allow, whenever a litigant has to appear in person before a court, that he or she may use his or her regional or minority language without thereby incurring additional expense;*

*c(iii) to allow documents and evidence to be produced in the regional or minority languages;*

9.2. *The Parties undertake:*

*b. not to deny the validity, as between the parties, of legal documents drawn up within the country solely because they are drafted in a regional or minority language, and to provide that they can be invoked against interested third parties who are not users of these languages on condition that the contents of the document are made known to them by the person(s) who invoke(s) it.”<sup>95</sup>*

---

<sup>95</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*

## 7.1 Skiednis fan it ymplemintearjen

### 7.1.1 Paragraaf 9.1

Al by de earste omgong wurde alle ûndernimmings dy't neamd wurde ûnder paragraaf 9.1 en 9.2 as "formeel" of "yn syn algemienens" as "ferfolle" beoardiele. Wichtich kritypunt is wol dat, hoewol't de wetjouwing yn oarder is, de útfiering problematysk is: it rjocht om Frysk te praten wurdt hast net brûkt en de minsken witte faak net dat it mooglik is. Der is gjin juridysk Frysk-Nederlânsk wurdboek en it persoanel fan de rjochtbank behearsket it Frysk ûnfoldwaande.<sup>96</sup>

De Nederlânske oerheid nimt maatregels: Nederlân sil it brûken fan it Frysk by juridyske prosedueres registrearje, kursussen Frysk wurde fergoede foar juridysk persoanel en der komme buordsjes by de yngong fan alle rjochtsealen: "u heeft het recht om Fries te spreken".<sup>97</sup>

De KomEks jout oan tige tefreden te wêzen oer dy stappen, mar fynt dat it Frysk noch te min brûkt wurdt yn de rjochtseal. Op 'e nij set Nederlân stappen en de KomEks is posityf oer bygelyks it freegjen fan Fryske taalfeardigens yn fakatuere-teksten foar rjochtbankpersoanel en oer de tanimmende behearsking fan de Fryske taal by it persoanel. De KomEks stelt no dat alle subparagrafen fan paragraaf 9.1 (net allinnich formeel, mar folslein) ferfolle binne.<sup>98</sup>

Mar dan meldt de KomEks yn 2012 dat de Nederlânske oerheid in weryndieling fan de gerjochtljke kaart oan it taryeden is. Dy weryndieling kin der ta liede dat rjochtsaken dêr't ynwenners fan Fryslân by belutsen binne, bûten de provinsje hâlden wurde. De KomEks freget de Nederlânske oerheid om der foar te soargjen dat de weryndieling de posysje fan de Fryske taal net negatyf beynfloedet.<sup>99</sup>

Yn har fiifde rapport meldt de Nederlânske oerheid dat de rjochtbank yn Ljouwert opgien is yn rjochtbank "Noord-Nederland" en ynwenners yn Fryslân terjochte kinne by it resort Arnhem-Leeuwarden. En hoewol't de Nederlânske oerheid yn it fiifde rapport it folgjende stelt,

*"Het kabinet is zich bewust van de kwetsbaarheid van het gebruik van de Friese taal in het rechtsverkeer. Het rijk draagt er daarom zorg voor dat bij de herziening van de gerechtelijke kaart de bestaande rechtspositie van de Friestalige rechtszoekende wordt geborgd en niet verminderd. Indien noodzakelijk worden er tolken ingeschakeld zodat het Fries ter zitting gebezigd kan worden."*<sup>100</sup>

---

<sup>96</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>97</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001*, 2001.

<sup>98</sup> Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2004.

<sup>99</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2012.

<sup>100</sup> *Fifth Periodical Report of the Netherlands, 2012-2014*, 2015.

konkludearret de KomEks yn har fiifde rapport dat it dreech wurden is om Frysk te praten yn de rjochtseal. De Fryske taalfeardigens op lokaasjes bûten Fryslân is te beheind en tolken binne faak net oanwêzich. De KomEks past har positive oardiel oan en stelt dat paragraaf 9.1 noch mar foar in part ferfolle is.<sup>101</sup>

### 7.1.2 Oangeande paragraaf 9.2

Paragraaf 9.2 wurdt yn it earste evaluaasjerapport fan de KomEks ek as formeel ferfolle beoardiele, mar de KomEks freget wol om in juridysk fokabulêre. Dat wurdt makke troch de Fryske Akademy<sup>102</sup> en de KomEks lûkt har foarbehâld yn.

## 7.2 Wat is goed gien?

Sûnt de ratifikaasje fan it Hânfêst is der in hiel soad ferbettere (hoewol't in kausale relaasje tusken ferbetteringen en ratifikaasje fansels net oan te toanen is).

*“Earste alhielendal Fryske sitting wie yn 1998, dat wie grut nijs. Dat binne der mear wurden.”<sup>103</sup>*

It rjocht om Frysk te praten, dat al ratifisearre wie yn it Hânfêst, is no goed fêstlein yn haadstik 3 fan de *Wet Gebrûk Fryske Taal*.

*“It rjocht om Frysk te praten is goed fêstlein en wurdt ûnder de oandacht brocht: as in fertochte daging kriget stiet derop dat hy it rjocht hat om Frysk te praten.”<sup>104</sup>*

## 7.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

Mar nei de weryndieling stelt de KomEks fêst - en dat wurdt ek befêstige troch it petear mei de kaaiekspert<sup>105</sup> en út Keamerfragen steld yn 2017<sup>106</sup> - dat de posysje fan it Frysk yn de rjochtseal, nettsjinsteande spesifike oanbefellings fan de KomEks en foarnimmens fêstlein yn de BFTK 2013-2018<sup>107</sup>, efterút gongen is: it komt foar dat in dage persoan oanjout Frysk prate te wollen, mar dat dit net kin, om't

---

<sup>101</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2015*.

<sup>102</sup> Pieter Duijff, *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries* (Noordhoff Uitgevers B.V., 2001).

<sup>103</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>104</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>105</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>106</sup> *Vaststelling van de Begrotingsstaten van Het Ministerie van Binnenlandse Zaken En Koninkrijksrelaties (VII) Voor Het Jaar 2017, Verslag van een Schriftelijk Overleg, 2017*.

<sup>107</sup> *Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2013-2018, 2013*.

in rjochter, offisier fan justysje of griffier de Fryske taal net ferstean kin.<sup>108</sup> It brûken fan tolken jout problemen: Frysktaligen prate faak leaver Nederlânsk as Frysk fia in tolk.<sup>109</sup> Der binne te min Fryske tolken, sadat de saak útsteld wurde moat as de Fryske sprekker net fan syn/har rjocht ôfsjocht, dat hy/sy dan ek faak docht.<sup>110</sup> <sup>111</sup> It liket derop dat der hast gjin Fryske taalkursussen mear jûn wurde oan rjochtbankpersoneel en ek Fryske taalfeardigens komt net foar yn fakatuereteksten foar nij rjochtbankpersoneel.<sup>112</sup>

### 7.3.1 De effekten fan de Wet Herziening Gerechterlijke kaart (2012)

De *Wet herziening gerechtelijke kaart (2012)*<sup>113</sup> hat yn konseptfoarm online stien, sadat belutsen partijen kommentaar jaan koene. Dat kommentaar is levere, ek op it mêd fan de posysje fan de Fryske taal: sa stelde de Nederlandse Vereniging voor Rechtspraak (NVvR), dat troch de nije wet, it prosedearjen yn it Frysk him “als een olievlek” útwreidzje soe oer Noard-, East- en Midden-Nederlân. De reaksje fan it ministearje hjirop is dat der net ferwachte wurdt dat der in protte Frysk praat wurde sil Frysk bûten de provinsje Fryslân: dat bart no nammentlik ek al net yn saken fan de rjochtbank Ljouwert dy't hâlden wurde yn Assen of Grins.<sup>114</sup>

Yn reaksje op Keamerfragen yn 2012 oer de feroaring fan de posysje fan de Fryske taal yn de rjochtseal,<sup>115</sup> skriuwt de minister fan Feiligens en Justysje:

*“Wat betreft het bevorderen dat zaken waarbij veel gebruik wordt gemaakt van de Friese taal te laten plaatsvinden in de provincie Fryslân, ga ik er vanuit dat de gerechtsbesturen van de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Leeuwarden bij het vaststellen van het zaaksverdelings-reglement in de afweging zullen betrekken dat zaken met een sterke lokale binding zoveel mogelijk ook lokaal (in casu derhalve in Leeuwarden) op zitting worden gebracht.”<sup>116</sup>*

It sittingsreglemint fan de Rjochtbank Noard-Nederlân neamt de Fryske taal net. Wol wurdt yn in memo fan de rjochtbank oan de Keamer de folgjende sin as relevant oandroegen:<sup>117</sup>

*“Voor alle zaken op het terrein van het bestuursrecht geldt dat de rechtbank kan beslissen, al dan niet op verzoek van een partij, om een zaak die volgens het schema in Groningen wordt*

---

<sup>108</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>109</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>110</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

<sup>111</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>112</sup> Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>113</sup> *Wet Herziening Gerechterlijke Kaart Geldend van 01-07-2015 t/m Heden*, 2012.

<sup>114</sup> *Wijziging van de Wet Op de Rechterlijke Indeling, Memorie van Toelichting*, 2011.

<sup>115</sup> *Wijziging van de Wet Op de Rechterlijke Indeling, Nadere Memorie van Antwoord*, 2012.

<sup>116</sup> *Wijziging van de Wet Op de Rechterlijke Indeling, Nadere Memorie van Antwoord*, 2012.

<sup>117</sup> *Memo Rechtbank Noord-Nederland: Frysk Binnen RNN*, 31 March 2017.

*behandeld, in Assen of Leeuwarden ter zitting te behandelen, bijvoorbeeld vanwege de regionale binding.*<sup>118</sup>

Yn 2017 hat de Kommissje Kummeling har “Evaluatie Wet herziening gerechtelijke kaart” útfierd. Opfallend is dat de posysje fan it Frysk dêr net yn meinaam is. Ut it petear mei in kaaiekspert op it mêd fan Gerjochtlike Autoriteiten docht bliken dat de reden dêrfoar is dat de kommisje allinnich sjoen hat oft de doelen fan de weryndieling slagge binne: it behâld fan de posysje fan it Frysk yn de rjochtseal wie gjin doel fan de weryndieling.<sup>119</sup>

Yn 2017 wurde op 'e nij Keamerfragen steld oer de posysje fan it Frysk yn de rjochtseal, ditkear nei oanlieding fan in brief skreaun troch *DINGtiid* oan de oerheid. De Twadde Keamer uteret har soargen oer de posysje fan it Frysk en freget om de resultaten fan de monitoaring fan it brûken fan de Fryske taal yn de Rjochtbank (in enkête hâlden ûnder it rjochtbankpersoneel fan de rjochtbank Noard-Nederlân), dy't yn 2016 begûn is.<sup>120</sup> De resultaten lykje posityf: it Frysk wurdt geregeldwei brûkt, benammen by sittingen yn Ljouwert. Der is alle jierren oerlis mei *DINGtiid*, de Ried fan de Fryske Beweging en de Afûk.<sup>121</sup>

Wol liket it derop dat it Frysk minder brûkt wurdt op de lokaasjes bûten Fryslân en de beskikberens fan Fryske tolken wurdt troch de rjochtbank as problematysk sjoen. Oan dat lêste probleem wurket de rjochtbank yn oparbeidsjen mei de Afûk.<sup>122</sup>

## 7.4 Oanbefellingen

- **Der moat mear ûndersyk dien wurde nei de posysje fan de Fryske taal yn de rjochtspraak bûten Fryslân.**

Der lykje twa bylden neist inoar te bestean oer de posysje fan it Frysk yn de rjochtseal: neffens it iene byld is de posysje fan it Frysk tige efterútgien sûnt de weryndieling, neffens it oare rint it aardich. Beide bylden bestean by minsken dy't in soad ûnderfining hawwe mei de deistige gong fan saken yn de rjochtseal. Hoe binne dy útienrinnende bylden te ferklearjen?

Om in better byld te krijen fan hoe't it stiet mei it Frysk, moatte der eksaktere sifers komme. Hoefolle sittingen hawwe yn it Frysk plakhân en wêr: yn Ljouwert of dêrbûten? Hoe faak komt it foar dat ien freget om de sitting yn it Frysk te dwaan en it blykt net mooglik? En wêrom dan net? Hoe faak komt it foar dat in Fryske sprekker ôfsjocht fan syn/har rjocht om Frysk te praten en om hokker reden? Hokker part fan it rjochtbankpersoneel fan Rjochtbank Noard-Nederlân beskikt oer Fryske taalfeardigens? Hoe faak wurde tolken brûkt en hoe faak moat de de sitting útsteld wurde om 't der net ien beskikber is?

---

<sup>118</sup> ‘Zaaksverdelingsreglement Rechtbank Noord-Nederland Zoals Na Wijziging Vastgesteld Op 19 Februari 2016’, mei 2016.

<sup>119</sup> Kaaiekspert 10, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlike Autoriteiten.

<sup>120</sup> *Vaststelling van de Begrotingsstaten van Het Ministerie van Binnenlandse Zaken En Koninkrijksrelaties (VII) Voor Het Jaar 2017, Verslag van een Schriftelijk Overleg*, 2017.

<sup>121</sup> *Memo Rechtbank Noord-Nederland: Frysk Binnen RNN*, 31 maart 2017.

<sup>122</sup> *Memo Rechtbank Noord-Nederland: Frysk Binnen RNN*, 31 maart 2017.

Hoe faak wurdt de rigel oer “regionale binding” yn it *zaaksverdelingsregelement* ynsetten om in saak nei Ljouwert te ferpleatsen, sadat Frysk praat wurde kin?

- **As blykt dat op rjochtslokaasjes bûten Fryslân te min Frysk brûkt wurdt, moat it brûken fan de taal dêr befoardere wurde.**

Yn *de Memorie van Toelichting* (2012) wurdt oanjûn troch it ministearje dat sy net ferwachtsje dat op oare sittingslokaasjes yn it Frysk prosedearre wurdt: dat barde ommers doe ek al net.<sup>123</sup> Mar al yn it earste evaluaasjerapport hat de KomEks oanjûn dat it Frysk ek yn de praktyk yn de rjochtspraak brûkt wurde moat. As dan blykt dat sûnt de weryndieling de taal (hast) net brûkt wurdt bûten Fryslân, betsjut dat krekt dat der wat barre moat.

---

<sup>123</sup> *Wijziging van de Wet Op de Rechterlijke Indeling, Memorie van Toelichting, 2011.*

## 8 Artikel 10: Administrative autoriteiten en publike tsjinsten - skiednis en stân fan saken fan it ymplementearjen.

De folgjende paragrafen fan Artikel 10: Administrative autoriteiten en publike tsjinsten binne ratifisearre troch de Nederlânske oerheid:

*“10.1. Within the administrative districts of the State in which the number of residents who are users of regional or minority languages justifies the measures specified below and according to the situation of each language, the Parties undertake, as far as this is reasonably possible:*

*a(v) to ensure that users of regional or minority languages may validly submit a document in these languages;*

*10.2. In respect of the local and regional authorities on whose territory the number of residents who are users of regional or minority languages is such as to justify the measures specified below, the Parties undertake to allow and/or encourage:*

*a the use of regional or minority languages within the framework of the regional or local authority;*

*b the possibility for users of regional or minority languages to submit oral or written applications in these languages;*

*c the publication by regional authorities of their official documents also in the relevant regional or minority languages;*

*d the publication by local authorities of their official documents also in the relevant regional or minority languages;*

*e the use by regional authorities of regional or minority languages in debates in their assemblies, without excluding, however, the use of the official language(s) of the State;*

*f the use by local authorities of regional or minority languages in debates in their assemblies, without excluding, however, the use of the official language(s) of the State;*

*g the use or adoption, if necessary in conjunction with the name in the official language(s), of traditional and correct forms of place-names in regional or minority languages.*



10.4. *With a view to putting into effect those provisions of paragraphs 1, 2 and 3 accepted by them, the Parties undertake to take one or more of the following measures:*

- a translation or interpretation as may be required;*
- c compliance as far as possible with requests from public service employees having a knowledge of a regional or minority language to be appointed in the territory in which that language is used.*

10.5. *The Parties undertake to allow the use or adoption of family names in the regional or minority languages, at the request of those concerned.*<sup>124</sup>

## 8.1 Skiednis fan it ymplementearjen

Al yn de earste omgong is de KomEks tefreden oer de helte fan de paragrafen ûnder artikel 10, ûndertekene troch de Nederlânske oerheid. De oare helte blykt problematysk. Sjoch skema 1.

8.1.1 Oangeande paragraaf 10.1.c: *“to allow the administrative authorities to draft documents in a regional or minority language”*

Paragraaf 10.1.c. behannelet it brûken fan de Fryske taal troch administrative autoriteiten. Al yn de earste omgong (2001) is de Nederlânske wetjouwing op dit mêd yn oarder: der moatte allinnich noch “modeloardingjen” yn goed Frysk komme en dy moatte adoptearre wurde troch de relevante ministearjes. Dat liket lestich te wêzen: út it twadde periodike rapport docht bliken dat de modeloardingjen al opstjoerd binne yn 1996<sup>125</sup>: se moatte allinnich noch ynfierd wurde. Dat is yn de tredde rapportaazje-omgong noch hieltyd net bard<sup>126</sup>, hoewol’t de BFTK fan 2001 de yntinsje formulearre hat om dat te dwaan foar 2004.<sup>127</sup> Dan seit Nederlân dat der in nij orgaan komt dat ferantwurdlik wurde sil foar it ymplementearjen fan de modeloardingjen<sup>128</sup>, mar yn de fiifde omgong liket der neat konkreets bard te wêzen en de KomEks werhellet har oanbefelling út 2012 yn eksakte wurden.<sup>129</sup>

---

<sup>124</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*

<sup>125</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001, 2003.*

<sup>126</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007, 2007.*

<sup>127</sup> *Bestuursafpraak Friese taal en cultuur 2001-2010, 2001.*

<sup>128</sup> *Fourth Periodical Report of the Netherlands, 2008-2011, 2012.*

<sup>129</sup> *Committee of Experts on the Charter, Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2016.*

Ut it petear mei de kaaiekspert docht bliken dat ferline jier dan dochts noch in modelleboek yn goed Frysk publisearre is en ynfierd yn 'e systemen fan Fryske gemeenten.<sup>130</sup> Neffens de kaaiekspert wie de ynfiering fan de *Wet Gebrûk Fryske Taal* (2013) hjir in wichtige oanlieding foar.

8.1.2 Oangeande paragraaf 10.2.g: *“the use or adoption, if necessary in conjunction with the name in the official language(s), of traditional and correct forms of place names in regional or minority languages”*

Paragraaf 10.2.g behannelet it brûken fan Fryske plaknammen. Al yn de earste rapportaazje-omgong wie de wetjouwing op dat mêd yn oarder, mar waard it ymplementearjen problematysk: Fryske plaknammen waarden te min brûkt neffens de KomEks.<sup>131</sup> De KomEks kart de paragraaf foar in part goed. Yn har twadde periodike rapport jout de Nederlânske oerheid oan dat yn de BFTK (2001) ôfpraat is dat alle Fryske oerheidsynstellingen Fryske plaknammen brûke sille, mar dat dat eins yn de praktyk al bart.<sup>132</sup> Dêrneist stelt it rapport dat hast alle Fryske gemeenten Fryske plaknammebuorden pleatst hawwe en dat oanmoedigjen net nedich is.<sup>133</sup> De KomEks kart de paragraaf no goed.

8.1.3 Oangeande paragraaf 10.4.c: *“compliance as far as possible with requests from public service employees having a knowledge of a regional or minority language to be appointed in the territory in which that language is used”*

Paragraaf 10.4.c giet oer it yngean op fersiken fan Fryskpraters, dy't wurkje by in publike tsjinst, om te wurkjen yn in plak dêr't Frysk praat wurdt. Yn earste ynstânsje karde de KomEks dy paragraaf goed<sup>134</sup>, mar dat wie nei alle gedachten in fersin, want al yn har earste rapport stelt de Nederlânske oerheid:

*“... the question arises of how periodical reports can best be made in respect of measures such as those referred to in Article 10, Paragraph 4, sub-paragraph c, of the Charter. No information is available about the number of requests from public service employees familiar with Frisian and wishing to be appointed to a post in the province of Fryslân or about the extent to which such applications are granted or refused. This is because there is no central place of registration for applications from public service employees as referred to in Article 10, Paragraph 4, sub-paragraph c, or for the response to such an application.”<sup>135</sup>*

---

<sup>130</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk en Sosjaal libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>131</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>132</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001*, 2003.

<sup>133</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001*, 2003.

<sup>134</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>135</sup> *First Periodical Report of the Netherlands, 1999*, 1999.

Yn har twadde evaluaasjerapport (2004) freget de KomEks om mear ynformaasje. De Nederlânske oerheid werhellet yn it tredde periodike rapport dat dy der net is. De KomEks stelt har fraach op 'e nij yn it fjirde en fiifde evaluaasjerapport, mar yn de lêste twa periodike rapporten jout de Nederlânske oerheid gjin omtinken mear oan dit punt.

- *Gebruik Friese varianten familienamen, 10.5: "The Parties undertake to allow the use or adoption of family names in the regional or minority languages, at the request of those concerned"*

Paragraaf 10.5 giet oer it brûken fan Fryske farianten fan famyljenammen, bgl. Dyk ynstie fan Dijk. Dat wie yn 2001 noch net formeel tastien. De Nederlânske oerheid yntrodusearret yn 2003 in nije wet dy't dat wol mooglik makket.<sup>136</sup>

## 8.2 Wat is goed gien?

Paragraaf 10.2.g en 10.5 kamen fluch yn oarder. Benammen wat 10.5 oangiet lykje konkrete ôfspraken tusken Ryk en provinsje yn de BFTK dêryn in wichtige rol spile te hawwen.<sup>137</sup> Modeloarderingen binne úteinlik yn 2017 ynfierd. In wichtige rol liket de *Wet Gebrûk Fryske Taal* spile te hawwen, mear as it Hânfêst:

*"De wet is wat konkreter en stiet wat tichterby, en kriget sa foar inoar wat it Hânfêst op himsels net foar inoar krigen hat."*<sup>138</sup>

It is moai dat der no Fryske modeloarderingen binne. Mooglik sil paragraaf 10.1.c as ferfolle beoardiele wurde troch de KomEks yn neikommende monitoaringsomgongen.

## 8.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

Paragraaf 10.4.c wurdt net oppakt: yn de BFTKs fan 2001 en 2013 en yn de lêste periodike rapporten wurdt de paragraaf net behannele. Ut petearen mei de kaaieksperts docht bliken dat de wichtigens fan de paragraaf betwivele wurdt, dat Frysktaligen dy't yn Fryslân wurkje wolle dat prima sels regelje kinne, sûnder dat de oerheid har dêrmei bemuoit<sup>139</sup> en dat de administrative lêsten dy't dy paragraaf mei him meibringt net opwage tsjin de baten foar de Fryske taal.<sup>140</sup> De kaaiekspert op it mêd fan de KomEks fûn de wichtigens lykwols net te ûnderskatten: ferskate wurkfjilden hawwe ferlet fan Frysktaligen, bygelyks de soarch.

---

<sup>136</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001, 2003.*

<sup>137</sup> *Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2001-2010, 2001.*

<sup>138</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>139</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>140</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

Ymplementaasje hoecht, neffens de kaaiekspert, net lestich te wêzen. As foarbyld neamt de kaaiekspert it neamen fan in eask foar feardigens yn de Fryske taal yn fakatuereteksten.<sup>141</sup> Dat foarbyld fan in mooglike ymplementaasje jout oan dat der romte is foar de lidsteaten om it ymplementearjen sa oan te pakken dat dy sinfol is.

## 8.4 Oanbefellingen

- **De modeloarding binne der, no moatte se noch brûkt wurde.**

Hoewol't Nederlân no in moaie foarútgong boekt hat op it mêd fan paragraaf 10.1.c, soe it in grutte mearwearde hawwe as de modeloarding ek yn de praktyk brûkt wurde. Ien fan de kaaieksperter jout oan dat minsken der faaks net altyd sels om freegje sille: dêrom soe it aktyf oanbean wurde moatte. Gemeenten soene dit opnimme kinne yn harren taalbeliedsplan.<sup>142</sup> It stimulearjen fan de gemeenten dêryn, mar ek yn in Frysktaligere oriïntaasje yn syn algemienens, soe barre kinne troch de provinsje yn har rol fan "taalskipper".<sup>143</sup>

- **Der moat diskusje fierd wurde oer in goede ymplementaasje fan 10.4.c.**

It liket derop dat der gjin beweging mear sit yn de diskusje oer 10.4.c tusken Ryk en KomEks. De diskusje soe op 'e nij iepene wurde moatte: hoe kin Nederlân foldwaan oan dy paragraaf sadat de lêsten fan ymplementaasje opwage tsjin de baten foar de Fryske taal? Troch it fermelden fan de mearwearde fan feardigens yn de Fryske taal yn fakatuereteksten kin Frysktalich persoanlik (werom) nei de provinsje talutsen wurde: dat draacht by oan it behâld fan de taal, oan de ekonomyske wearde fan de taal en sa kin kennis werombrocht wurde nei de provinsje.

---

<sup>141</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

<sup>142</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk en Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>143</sup> Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

## 9 Artikel 11: Media - skiednis en stân fan saken fan it ymplementearjen.

De folgjende paragrafen fan Artikel 10: Media binne ratifisearre troch de Nederlânske oerheid:

*“11.1. The Parties undertake, for the users of the regional or minority languages within the territories in which those languages are spoken, according to the situation of each language, to the extent that the public authorities, directly or indirectly, are competent, have power or play a role in this field, and respecting the principle of the independence and autonomy of the media:*

*a(iii): to make adequate provision so that broadcasters offer programmes in the regional or minority languages;*

*b(ii) to encourage and/or facilitate the broadcasting of radio programmes in the regional or minority languages on a regular basis;*

*c(ii) to encourage and/or facilitate the broadcasting of television programmes in the regional or minority languages on a regular basis;*

*f(ii) to apply existing measures for financial assistance also to audiovisual productions in the regional or minority languages;*

*11.2. The Parties undertake to guarantee freedom of direct reception of radio and television broadcasts from neighbouring countries in a language used in identical or similar form to a regional or minority language, and not to oppose the retransmission of radio and television broadcasts from neighbouring countries in such a language. They further undertake to ensure that no restrictions will be placed on the freedom of expression and free circulation of information in the written press in a language used in identical or similar form to a regional or minority language. The exercise of the above-mentioned freedoms, since it carries with it duties and responsibilities, may be subject to such formalities, conditions, restrictions or penalties as are prescribed by law and are necessary in a democratic society, in the interests of national security, territorial integrity or public safety, for the prevention of disorder or crime, for the protection of health or morals, for the protection of the reputation or rights of others, for preventing disclosure of information received in confidence, or for maintaining the authority and impartiality of the judiciary.”<sup>144</sup>*

---

<sup>144</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*

## 9.1 Skiednis fan it ymplemintearjen

Fan alle ratifisearre paragrafen wurdt allinnich 11.2 yn alle omgongen goedkard. Yn syn algemienens docht blike út de periodike rapporten fan it Ryk en út de evaluaasjerapporten fan de KomEks dat it oanbod Frysk op radio en telefyzje yn de lêste 20 jier flink omheech gien is.

9.1.1 Oangeande paragraaf 11.1.a(iii): *“to make adequate provision so that broadcasters offer programmes in the regional or minority languages”*

11.1.a(iii) giet oer de finansjele stipe oan útstjoerders, sadat dy programma’s meitsje kinne yn de minderheidstaal. De KomEks kart paragraaf 11.1.a(iii), *“to make adequate provision so that broadcasters offer programmes in the regional or minority languages”*, fan it begin ôf goed, mar mei kanttekeningen op it mêd fan it finansierjen: der moatte mear en strukturele fûnsen komme foar Fryske útstjoeringen<sup>145146147</sup>.

*“The Committee considers the undertaking fulfilled, but, because Frisian broadcasting is more expensive than Dutch, and because Frisian broadcasting receives the same financial support as Dutch, nevertheless points out the necessity of special funding for Frisian broadcasting.”<sup>148</sup>*

Nederlân seit yn in reaksje yn de twadde periodike rapport dat sy it net iens binne mei de KomEks en de finansjele stipe foldwaande fine.<sup>149</sup>

9.1.2 Oangeande de nije mediawet

De diskusje oer it finansierjen liket net útpraat, mar der wurdt gjin omtinken mear oan jûn yn it fjirde en fiifde rapport fan de KomEks. Sy rjochtet no har oandacht op de nije Mediawet dy’t op it kleed kaam is by in *on-the-spot visit* yn de fjirde rapportaazje-omgong.<sup>150</sup>

Yn it fiifde periodike rapport stelt Nederlân dat oer de nije wetjouwing noch neat bekend is, mar dat grutte wearde takend wurdt oan Frysktalige útstjoerings. De provinsje Fryslân sil belutsen wurde by de útwurking fan de takomstplannen foar de regionale omroppen. Om’t op dat mêd noch gjin dúdlikens is, jout de KomEks yn har fiifde evaluaasjerapport gjin oardiel. Wol meldt KomEks de soargen dy’t Omrop Fryslân hat oer de nije mediawet en wurdt Nederlân oantrune om der foar te soargjen dat de posysje fan de Fryske taal yn de media net negatyf beynfloede wurdt.

---

<sup>145</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>146</sup> Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2004.

<sup>147</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2012.

<sup>148</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>149</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001*, 2003.

<sup>150</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

It doel fan de nije mediawet wie om it bestel fan regionale omroppen tige te ferienfâldigen: earst lei der it foarstel om troch fúzjes te kommen ta acht ynstie fan 13 omroppen. Yn dat foarstel waard wol oandacht frege foar it belang fan Omrop Fryslan foar it Frysk. It úteinlike foarstel waard om alle regionale omroppen ûnder te bringen yn ien nasjonale organisaasje.<sup>151</sup> Dy plannen hawwe ta in protte wjerstân laat. Yn de oerlizzen foar de BFTK (2013-2018) kamen Ryk en provinsje der op dit mêd net út.<sup>152</sup>

Yn 2013 waard troch de oerheid de tydlike Kommisje Hoekstra ynsteld om de kwestje te besjen: dy hat ûnder oaren wiisd op de ynternasjonale ferplichtings dy't oangien wiene mei de ratifikaasje fan it Hânfêst. Utkomst wie dat der in goed media-oanbod yn it Frysk bliuwe moast mei in eigen stjoerder.<sup>153154</sup>

Boppesteande en mear aksjes hawwe úteinlik laat ta in spesjale Bestjoersôfspraak Frysk yn de media (2016), dêr't it belang fan in Frysktalige omrop yn fêstlein is.<sup>155</sup>

9.1.3 Oangeande paragrafen 11.1.b(ii) *“to encourage and/or facilitate the broadcasting of radio programmes in the regional or minority languages on a regular basis”* en 11.1.c(ii) *“to encourage and/or facilitate the broadcasting of television programmes in the regional or minority languages on a regular basis”*

Yn it earste periodike rapport stelt Nederlân dat neffens it *Explanatory Report* fan it Hânfêst de paragrafen 11.1.b en 11.1.c spesifyk te krijen hawwe mei kommersjele útstjoerings.<sup>156</sup> Om oan dy paragraaf te foldwaan, hat Nederlân in regel ynsteld dat op syn minst 40% fan de kommersjele útstjoerings teminsten Nederlânsk- of Frysktalich wêze moat.<sup>157</sup> De KomEks fynt dat net genôch:

*“Though the committee takes note of the 40% arrangement, it is not aware of any private broadcasting in Frisian, and does not consider this or other arrangements by NL sufficient to fulfill the undertakings of paragraphs b and c.”<sup>158</sup>*

Nederlân stelt dêrop yn de twadde periodike rapportaasje dat it fierder gjin easken stelle wol oan de kommersjele omrop (neist de 40%-regel), om't it beynfloedzjen fan kommersjele útstjoerings net yn de line leit fan it oerheidsbelied:

*“This paragraph criticises the Government on the grounds that it does not take measures to promote commercial broadcasting in Frisian. However, article 11 of the Charter explicitly states that the government should act “to the extent that the public authorities, directly or indirectly,*

---

<sup>151</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>152</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>153</sup> R.J. Hoekstra, *Adviesrapport Borging Friese Taal in de Media*, febrewaris 2013.

<sup>154</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>155</sup> *Bestuursafspraken Fries in de media 2016*, Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap, 2016.

<sup>156</sup> *First Periodical Report of the Netherlands, 1999, 1999.*

<sup>157</sup> *First Periodical Report of the Netherlands, 1999, 1999.*

<sup>158</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

*are competent, have power or play a role in this field, and respecting the principle of the independence and autonomy of the media.” In this connection it should be noted that Dutch government policy as a matter of principle does not seek in any way to promote commercial broadcasting.”<sup>159</sup>*

Yn har twadde evaluaasjerapport seit de KomEks dêroer:

*“though the committee takes note of the 40% arrangement, it’s experience is that if minority and majority language have to compete, the minority language loses.”*

Yn it tredde periodike rapport jout Nederlân noch ynformaasje oer dy paragrafen, mar bliuwt by har stânpunt. Yn it fjirde en fiifde rapport wurdt de paragraaf net mear neamd. Ut it petear mei de kaaieksperits blykt dat Nederlân noch altiten deselde miening hat:

*“De Nederlandse wetgeving zit niet zo in elkaar dat je de omroep kunt verplichten een taal op te nemen in hun programma”. Dit zal Nederland steeds opnieuw uitleggen aan de Commissie van Experts totdat die zich op andere dingen gaat richten. ... Fries in de private omroep wordt niet belemmerd: Nederland voldoet dus ruimschoots aan die paragraaf.”<sup>160</sup>*

9.1.4 Oangeande paragraaf 11.1.f(ii): *“to apply existing measures for financial assistance also to audiovisual productions in the regional or minority languages”*

11.1.f(ii) giet oer de finansjele stipe foar regionale audiofisuele produksjes. Al kart de KomEks paragraaf 11.1.f(ii) formeel goed, sy bekritisearret yn harren earste evaluaasjerapport it feit dat Omrop Fryslân, omdat it in regionale omrop is, gjin oanspraak meitsje kin op it Mediafûns. Nederlân kundiget yn it twadde periodike rapport oan dat dat rjochtsetten is yn in amendemint fan de Mediawet yn 2000: ek regionale omroppen kinne no oanspraak meitsje op it Mediafûns. De KomEks kart de paragraaf no goed.

## 9.2 Wat is goed gien?

Ferskate aksjes tsjin de besunigings sa’t dy pland wiene yn de nije mediawet hawwe resultaat hân: Omrop Fryslân is har autonomy net kwyttrekke. Ofspraken sa’t dy makke wiene yn it Hânfêst hawwe dêrby in wichtich argumint west. Ek de oerlizen foar de BFTK (2013-2018) hawwe de provinsje Fryslân de mooglikheid jûn om har beswieren oan it Ryk foar te lizzen.

---

<sup>159</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001, 2003.*

<sup>160</sup> Kaaieksperit 3 En 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.



### 9.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

Uteinlik hat de nije Mediawet ta in besuniging fan 17 miljoen laat. Dêrtroch binne programma's en titels ferdwûn en is it oanbod minder ôfwikseljend wurden. Drama wurdt net mear makke.<sup>161</sup> Dat jildt foar alle regionale omroppen, net allinnich foar Omrop Fryslân.<sup>162</sup>

De KomEks hat oanjûn dat Frysktalige útstjoerings djoerder binne. Nederlân wie it dêr net mei iens en dêroer binne beide partijen net ta oerienstimming kaam. De kaaiekspert hat oanjûn dat ekstra kosten makke wurde foar de oplieding fan sjoernalisten, dy't net altiten Frysktalich binne.<sup>163</sup> Oft de oerheid op 'e hichte wie of is fan dy argumintaasje is net dúdlik.

Wat paragrafen 11.1.b(ii) en 11.1.c(ii) oanbelanget, komme KomEks en Nederlân net neier ta mekoar.

### 9.4 Oanbefellingen

- **De Bestjoersôfspraken Frysk yn de Media jouwe de posysje fan de Fryske taal in ekstra beskerming tsjin besunigingsmaatregels. De Bestjoersôfspraak soe yn de takomst ferlinge wurde moatte.**<sup>164</sup>

- **Der moat kreatyf sjoen wurde nei in goede ymplementaasje fan de paragrafen 11.1.b ii en 11.1.c ii.**

Hoe soene de paragrafen 11.1.b(ii) en 11.1.c(ii) sterker ymplementearre wurde kinne? Yn de mediawet stiet dat op syn minst 40% fan it programma-oanbod Nederlânsk- of Frysktalich wêze moat.<sup>165</sup> As dy eask *wol* oplein wurde kin, wêrom mei oan kommersjele omroppen dan net de eask oplein wurde dat op syn minst 35% Nederlânsk wêze moat en 5% Frysk?

En sa binne der mooglik ek oare wizen dêr't in goede ymplementaasje op mooglik is, dêr't eksperts op it mêd fan bestjoersrjocht nei sjen kinne soene: bygelyks artikel 6.23 fan de Mediawet neamt dat bepaalde FM-frekwinsjes brûkt wurde moatte foar Nederlânsktalige muzyk: ek dêr is mooglik romte om in betingst foar it Frysk ta te foegjen. In oare opsje soe wêze kinne om in budzjet yn te stellen foar Frysktalige produksjes dy't nijsgjirrich binne foar kommersjele útstjoerders<sup>166</sup>.

---

<sup>161</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>162</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>163</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>164</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>165</sup> *Mediawet 2008 Geldend van 30-05-2018 t/m Heden.*

<sup>166</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

## 10 Artikel 12: Kulturele aktiviteiten en fasiliteiten - skiednis en stân fan saken fan it ymplemintearjen

Fan Artikel 12, Kulturele aktiviteiten en fasiliteiten, hat Nederlân alle paragrafen ûndertekene:

*“12.1. With regard to cultural activities and facilities – especially libraries, video libraries, cultural centres, museums, archives, academies, theatres and cinemas, as well as literary work and film production, vernacular forms of cultural expression, festivals and the culture industries, including inter alia the use of new technologies – the Parties undertake, within the territory in which such languages are used and to the extent that the public authorities are competent, have power or play a role in this field:*

- a. to encourage types of expression and initiative specific to regional or minority languages and foster the different means of access to works produced in these languages;*
- b. to foster the different means of access in other languages to works produced in regional or minority languages by aiding and developing translation, dubbing, post-synchronisation and subtitling activities;*
- c. to foster access in regional or minority languages to works produced in other languages by aiding and developing translation, dubbing, post-synchronisation and subtitling activities;*
- d. to ensure that the bodies responsible for organising or supporting cultural activities of various kinds make appropriate allowance for incorporating the knowledge and use of regional or minority languages and cultures in the undertakings which they initiate or for which they provide backing;*
- e. to promote measures to ensure that the bodies responsible for organising or supporting cultural activities have at their disposal staff who have a full command of the regional or minority language concerned, as well as of the language(s) of the rest of the population;*
- f. to encourage direct participation by representatives of the users of a given regional or minority language in providing facilities and planning cultural activities;*
- g. to encourage and/or facilitate the creation of a body or bodies responsible for collecting, keeping a copy of and presenting or publishing works produced in the regional or minority languages;*
- h. if necessary, to create and/or promote and finance translation and terminological research services, particularly with a view to maintaining and developing appropriate*

*administrative, commercial, economic, social, technical or legal terminology in each regional or minority language.*

12.2. *In respect of territories other than those in which the regional or minority languages are traditionally used, the Parties undertake, if the number of users of a regional or minority language justifies it, to allow, encourage and/or provide appropriate cultural activities and facilities in accordance with the preceding paragraph.*

12.3. *The Parties undertake to make appropriate provision, in pursuing their cultural policy abroad, for regional or minority languages and the cultures they reflect.*<sup>167</sup>

## 10.1 Skiednis fan it ymplementearjen

Op it mêd fan kulturele aktiviteiten en fasiliteiten hat Nederlân, neffens de Kommisje fan Eksperts, konsekwint foldien oan in grut part fan de stelde opjeften. Benammen it befoarderjen fan Fryske kulturele uterings, oersettings en ûndertitels fan en nei it Frysk, it sammeljen en ynstânhâlden fan sokke uterings, en it meitsje litten fan nije Fryske terminology dêr't dat nedich is (sjoch skema 1). Oer de paragrafen 12.1.e, 12.1.f en 12.3 falt mear te sizzen.

### 10.1.1 Oangeande paragraaf 12.1.e en 12.1.f

Dy twa paragrafen geane oer it garandearjen dat relevante kulturele organisaasjes Fryskpratend persoanlik yn tsjinst hawwe, en dat Fryskpratens sels belutsen binne by it fasilitearjen en organisearjen fan kulturele aktiviteiten. Yn de earste trije rapportaazje-omgongen wie de KomEks kritysk oer it part Fryskpratenden dat fertsjintwurdige wie yn kulturele organisaasjes. De twivels fan de KomEks lieken benammen fuort te kommen út ûnwissigens: de foarbylden dy't yn it periodike rapport fan Nederlân jûn waarden, wiene net foldwaande om oardielje te kinnen. Fan 'e fjirde rapportaazje-omgong ôf is, by *on-the-spot-visits*, troch organisaasjes yn Fryslân sels befêstige dat de ymplementaasje fan dy twa paragrafen eins gjin probleem binne.<sup>168</sup>

### 10.1.2 Oanwêzigens yn it kultureel bûtenlânbelied

Paragraaf 12.3 is de paragraaf dy't neffens de KomEks de measte problemen opsmyt. Yn de earste rapportaazje-omgong wie harren konklúzje dat Nederlân genôch aksje ûndernommen hat om de Fryske taal en kultuer yn it bûtenlân te presintearjen.<sup>169</sup> Dat positive oardiel wie benammen basearre op de

---

<sup>167</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*

<sup>168</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2012.

<sup>169</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

oanwêzigens fan in Frysk kultureel elemint op “ynternasjonale eveneminten” lykas de Frankfurter Buchmesse. Yn de dêropfolgjende jierren waard troch de KomEks hieltyd konkludeare dat der, foar safier’t sy it oersjen koene, hielendal gjin aktiviteiten op dat mêd ûndernaam waarden. Yn de lêste twa periodike rapporten fan de Nederlânske oerheid, joech it Ryk sels hielendal gjin ynformaasje op dit mêd en liket der ek neat bard te wêzen.<sup>170</sup>

## 10.2 Wat giet goed?

Oer it algemien is it ymplementearjen fan artikel 12 as posityf beoardiele troch de KomEks, al warskôget se yn har fjirde rapport der wol foar dat besunigings it promoatsjen fan it Frysk yn kulturele uterings beheine kinne soe.<sup>171</sup> Yn harren folgjende rapportaazje freegje se mear ynformaasje, om oersjen te kinnen wat foar ynfloed besunigings hawwe.<sup>172</sup>

Beroptoanielselskip Tryater, dat slachtoffer fan de besunigings driget te wurden, wurdt opnaam yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer as in wichtige kulturele ynstelling yn Fryslân. Neffens de kaaiekspert op it mêd fan kultuer is soks ta stân kaam nei in lang lobbytrajekt út Tryater en hat it Hânfêst dêrby gjin rol spiele.<sup>173</sup>

De kaaiekspert jout oan dat der op dit stuit in nije generaasje Fryske akteurs is, in positive ûntjouwing, want dat hat yn 40 jier net sa west.<sup>174</sup>

## 10.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

De KomEks hat kryptyk op de paragrafen 12.1.e. en 12.1.f, mat úteinlik blykt dat der al foldwaande Frysktalich persoanen by kulturele ynstânsjes oanwêzich is, allinnich wurdt dêr net oer rapportearre yn it periodike rapport.

It ymplementearjen fan it Frysk yn it kultureel bûtenlânbelied is tige problematysk neffens de KomEks. It Frysk komt der hast net yn foar. Neffens ien fan de kaaiekspert op it mêd fan kultuer binne der genôch aspekten fan de Fryske kultuer dy’t nijsgjirrich binne foar in ynternasjonaal publyk<sup>175</sup>, mar blykber fine dy net it paad nei it kultureel bûtenlânbelied ta.

---

<sup>170</sup> *Fourth Periodical Report of the Netherlands, 2008-2011.*

<sup>171</sup> *Committee of Experts on the Charter, Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2012.*

<sup>172</sup> *Committee of Experts on the Charter, Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2016.*

<sup>173</sup> Kaaiekspert 15, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele aktiviteiten.

<sup>174</sup> Kaaiekspert 15, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele aktiviteiten.

<sup>175</sup> Kaaiekspert 15, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele aktiviteiten.

In goede ymplementaasje fan paragraaf 12.3 liket dúdlik: Nederlân fiert in op in doel rjochte ynternasjonaal kultuerbelied<sup>176</sup>, mei in aparte *Ambassadeur Internationale Culturele Samenwerking*. Dêryn soe de Fryske taal in plak yn krije kinne. Ut it petear mei ien fan de kaaieksperts docht bliken dat de ynhâld fan it ynternasjonaal kultuerbelied ôfhinklik is fan ferskate faktoaren: It is in ôfspegeling fan it nasjonaal kultuerbelied, dat foarm jûn wurdt troch de ministearjes fan OCW, Untwikkellingsgearwurking en Bûtenlânske Saken.<sup>177</sup> As it Frysk dêr gjin part yn hat, kin it ek net opnaam wurde yn it ynternasjonaal kultuerbelied. Derneist is de ynhâld fan it belied ôfhinklik fan fraach: der moat in oanlieding wêze.<sup>178</sup>

*“...als er dingen opkomen, wordt er actief op gefaciliteerd, maar het is niet zo dat de overheid bedenkt: ‘we gaan nu aandacht geven aan het Limburgs, of aandacht geven aan het Fries’.”<sup>179</sup>*

In resinte oanlieding is bygelyks Kulturele Haadstêd 2018. Dy “fraach” is troch de ambassadeposten, dy’t yn it bûtenlân it ynternasjonaal kultuerbelied útfiere, oppakt.<sup>180</sup> It kin yn in folgjende rapportaasje bêst sa wêze, dat de KomEks harren goedkarring útsprekt oer it ymplementearjen fan paragraaf 12.3, om’t wiidweidich omtinken jûn is oan it Frysk yn it kultureel bûtenlânbelied.

#### 10.4 Oanbefellingen

- **Foar in bettere ymplementaasje fan paragraaf 12.3 soene bûtenlânske ambassadeposten ynformearre wurde moatte oer it belang fan de ynternasjonale ferplichting (op grûn fan paragraaf 12.3) dy’t Nederlân oangien is op it mêd fan ynternasjonaal kultuerbelied.**
- **Dêrneist soe der geregeldwei kontakt ûnderhouden wurde moatte tusken oerheid en provinsje Fryslân oer kulturele aktiviteiten of ynstellings yn Fryslân mei aktiviteiten of ambysjes, dy’t nijsgjirrich binne foar it bûtenlân. Sa kinne dy harren wei fine nei de programma’s fan it ynternasjonaal kultuerbelied.**

Yn de kultuerbrief *Cultuur in een Open Samenleving* fan minister Van Engelshoven<sup>181</sup>, wurdt útsteld om it kultuerbelied mear in ôfspegeling wêze te litten fan wat der spilet yn regio’s fan Nederlân, en foar alle regio’s in saneamd regioprofyl op te stellen. Sa’n regioprofyl foar Fryslân soe de Fryske taal en kultuer omfetsje moatte en soe wize kinne op de ynternasjonale ferplichtings sa’t dy oangien binne mei paragraaf 12.3. Dat kin in goede stap wêze yn de rjochting fan Fryske kulturele eveneminten op de ynternasjonale aginda.<sup>182</sup>

---

<sup>176</sup> *Internationaal Cultuurbeleid*, webside Ryksoerheid.

<sup>177</sup> Kaaiekspert 14, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten.

<sup>178</sup> Kaaiekspert 14, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten.

<sup>179</sup> Kaaiekspert 14, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten.

<sup>180</sup> Kaaiekspert 14, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten.

<sup>181</sup> Minister Ingrid van Engelshoven, *Cultuur in een Open Samenleving*, 2018.

<sup>182</sup> Kaaiekspert 14, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten.

- **Boppesteande mooglikheden foar in bettere ymplemintaasje fan 12.3 kinne bepraat wurde by de ûnderhannelings oer in nije BFTK.**
- **Der moat geregeldwei kontakt wêze tusken oerheid en Fryskpraters, benammen yn de perioade rûn de periodike rapportaazje.**

De kritek fan de KomEks op it ymplemintearjen fan de paragrafen 12.1.e en 12.1.f lykje benammen feroarsake te wurden troch missende ynformaasje yn de rapportaazje. De ynformaasje wie wol bekend by de kulturele ynstânsjes. Soks jout de wichtigens oan fan in geregeldwei kontakt tusken oerheid en Fryskpraters.

## 11 Artikel 13: Ekonomysk en sosjaal libben - skiednis en stân fan saken fan it ymplemintearjen

De folgjende paragrafen fan Artikel 13: Ekonomysk en sosjaal libben binne ratifisearre troch de Nederlânske oerheid:

*“13.1. With regard to economic and social activities, the Parties undertake, within the whole country:*

- a to eliminate from their legislation any provision prohibiting or limiting without justifiable reasons the use of regional or minority languages in documents relating to economic or social life, particularly contracts of employment, and in technical documents such as instructions for the use of products or installations;*
- c to oppose practices designed to discourage the use of regional or minority languages in connection with economic or social activities;*
- d to facilitate and/or encourage the use of regional or minority languages by means other than those specified in the above sub-paragraphs.*

*13.2. With regard to economic and social activities, the Parties undertake, in so far as the public authorities are competent, within the territory in which the regional or minority languages are used, and as far as this is reasonably possible:*

- b in the economic and social sectors directly under their control (public sector), to organise activities to promote the use of regional or minority languages;*
- c to ensure that social care facilities such as hospitals, retirement homes and hostels offer the possibility of receiving and treating in their own language persons using a regional or minority language who are in need of care on grounds of ill-health, old age or for other reasons.”<sup>183</sup>*

### 11.1 Skiednis fan it ymplemintearjen

Sawol paragraaf 13.1.a as 13.1.c wurdt troch de KomEks yn de earste omgong oer it algemien goedkard, mar mei kanttekeningen. Paragraaf 13.1.a giet oer it brûken fan de Fryske taal yn offisjele dokuminten op it mêd fan ekonomysk en sosjaal libben. De KomEks achtet soks oer it algemien goed beregele yn Nederlân,

---

<sup>183</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*

mar neamt dat de Frysktalige “daden van verenigingen en stichtingen” net yn it Kamer van Koophandel-register meie. Nederlân makket dat mooglik mei in nije wet yn 2001.<sup>184</sup>

Paragraaf 13.1.c beskriuwt it tsjingeane fan aksjes yn it ekonomysk en sosjaal libben dy't it brûken fan it Frysk ûntmoedigje. Dy paragraaf wurdt yn it earste evaluaasjerapport oer it algemien as ferfolle beskôge, mar mei de kanttekening dat ferskate publike ynstellings (Nederlandse Spoorwegen, postbedriuwen en telefoanbedriuwen) soms wegerje om Fryske nammen te brûken. Yn de twadde periodike rapportaazje meldt Nederlân dat dy publike ynstellings aksje ûndernommen hawwe.<sup>185</sup> De Kommisje fan Eksperts beskôget de paragraaf dêrnei as ferfolle, mar neamt wol in ynsidint by in fuotbalklup dêr't it Frysk net brûkt wurde mocht by in ynterne proseduer. Nederlân beskriuwt yn it tredde periodike rapport ûnder oare de yntinsjeferklearring yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer (2001), om it Frysk yn it ekonomyske en sosjale libben ta te stean.<sup>186</sup> Der wurde gjin nije ynsidinten by de Kommisje melden, en de paragraaf wurdt yn de tredde omgong folslein goedkard.

Paragraaf 13.2.b giet oer it organisearjen fan aktiviteiten om it brûken fan it Frysk yn de publike sektor te befoarderjen. De KomEks beoardiet dy paragraaf as net ferfolle, om't sokke aktiviteiten, neffens de periodike rapportaazje fan Nederlân, net organisearre binne.<sup>187</sup> Nederlân meldt yn it twadde periodike rapport dat de yntinsjes der wol binne, mar kin gjin aktiviteiten neame.<sup>188</sup> De KomEks achtet dat net foldwaande.<sup>189</sup> Dan, yn de tredde rapportaazje, meldt Nederlân dat der tsien konsesjes jûn binne foar it iepenbier ferfier en dat dy in taalfoarskrift befetsje.<sup>190</sup> Dat sjocht de KomEks faaks oer de holle, want der wurdt neat wizige yn it oardiel.<sup>191</sup> Yn it fjirde evaluaasjerapport komt de KomEks om dy reden werom op dat oardiel<sup>192</sup>, wylst Nederlân de paragraaf 13.2.b yn it fjirde rapport net iens bepraat. De KomEks ferklearret de paragraaf no foar in part ferfolle: foar in part, om't der, njonken dy konsesjes, gjin aktiviteiten west hawwe. Nederlân neamt yn it fiifde periodike rapport dat der oerlis is mei it bedriuwlibben oer befoardering fan it Frysk. De KomEks sjocht dat óf oer de holle óf achtet dat net genôch, want yn de lêste rapportaazje-omgong wurde de oanbefelling werhelle.

It is net dúdlik wêrom't de Nederlânske periodike rapporten de aktiviteiten fan de Afûk net neame yn dy paragraaf. Ut it fraachpetear mei de kaaiekspert op dit mêd, docht bliken dat de Afûk ferskate aktiviteiten ûndernommen hat en noch hieltyd ûndernimt, dy't passe binnen ymplementaasje fan de paragraaf. Bygelyks de aksjes op it mêd fan Frysk yn 'e soarch, en *Praat mar Frysk*. De Afûk wurdt ek geregeldwei oansketten troch bedriuwen mei de fraach hoe't se it Frysk mear sichtber meitsje kinne. De Afûk biedt in workshop oan,

---

<sup>184</sup> *First Periodical Report of the Netherlands, 1999, 2001.*

<sup>185</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001, 2003.*

<sup>186</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007, 2007.*

<sup>187</sup> *Committee of Experts on the Charter, First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2001.*

<sup>188</sup> *Second Periodical Report, 1999-2001, 2003.*

<sup>189</sup> *Committee of Experts on the Charter, Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2004.*

<sup>190</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007, 2007.*

<sup>191</sup> *Committee of Experts on the Charter, Third Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2007.*

<sup>192</sup> *Committee of Experts on the Charter, Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands, 2012.*



spesjaal foar bedriuwen: Gastfrij Frysk, en Fryslân hat ferskate bedriuwen dy't harren tige 'Frysk' profilearje, sa as iepenbier ferfierder Arriva.<sup>193</sup>

#### 11.1.1 Oangeande paragraaf 13.2.c

Paragraaf 13.2.c stelt dat it mooglik wêze moat foar Fryskpraters om yn de eigen taal behannele te wurden yn in soarchynstelling. Dizze paragraaf wurdt yn de earste omgong beoardiele as foar in part ferfolle: der is net folle ynformaasje op dit mêd en der liket in tekoart te wêzen oan Frysktalich persoanien en finansiering, mar der is wol in projekt begûn om dy problemen tsjin te gean.<sup>194</sup> Nederlân set yn de folgjende omgong ferskate stappen: de enkête *Taal yn 'e soarch* wurdt holden, dy't it brûken fan Frysk yn de soarch ynventarisearret. Troch dy enkête wurdt befêstige dat der *gjin* tekoart is oan Frysktalich persoanien.<sup>195</sup> Wol jout de kaaiekspert oan dat leger oplaet persoanien in bettere Fryske taalbehearsking hat as heger oplaet persoanien. Húsdokters komme bygelyks faak fan bûten de provinsje en prate de taal net. Faak dogge sy wol in kursus en kinne se it Frysk ferstean.<sup>196</sup>

Der wurde ferskate saken fêstlein yn de BFTK.<sup>197</sup> De KomEks fynt allinnich dat de neamde ôfspraken en advizen op basis fan de enkête noch net foldwaande yn de praktyk brocht binne, en bliuwt by it oardiel "foar in part ferfolle".<sup>198</sup>

Fan 2004 oant 2008 moat de wurkgroep *Frysk yn 'e soarch* de posysje fan it Frysk yn 'e soarch befoarderje.<sup>199</sup> Nederlân neamt in stikmannich relevante ôfspraken dy't makke binne yn it *Utfieringskonvenant Fryske taal en kultuer* (2005), dy't útfierd wurde moatte troch, ûnder oare, de minister fan Soarch, Wolwêzen en Sport, en de Soarchynspeksje.<sup>200</sup> It Nederlânske rapport meldt lykwols ek, dat yn de perioade 2002-2005 gjin stappen set binne troch de minister, en dat de Soarchynspeksje oanjûn hat net op de hichte te wêzen fan de plannen sa't dy neamd binne yn it útfieringskonvenant.<sup>201</sup> It passyf bliuwen fan de minister wurdt troch de KomEks as reden jûn foar it by harren stânpunt bliuwen yn harren oardiel dat de paragraaf noch net hielendal ferfolle is.<sup>202</sup>

Yn in folgjend periodyk rapport skriuwt Nederlân dat it *Frysk yn 'e soarch*-projekt laat hat ta it sichtberder wurden fan it Frysk troch bygelyks twatalige buorden yn sikehûzen. De provinsje hat de Afûk

---

<sup>193</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk en Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>194</sup> Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2001.

<sup>195</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001*, 2003.

<sup>196</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk en Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>197</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001*, 2003.

<sup>198</sup> Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2004.

<sup>199</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007*, 2007.

<sup>200</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007*, 2007.

<sup>201</sup> *Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007*, 2007.

<sup>202</sup> Committee of Experts on the Charter, *Third Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2007.

oansteld om it gebrûk fan de Fryske taal yn 'e soarch te stimulearjen, en de Afûk hat dêrfoar kontakt opnaam mei ynstellings en promoasjemateriaal makke.<sup>203</sup>

De KomEks jout oan soks te wurdearjen, mar wol dat der heldere wetjouwing komme op it mêd fan it brûken fan de Fryske taal yn 'e soarch. Noch hieltyd is it oardiel "foar in part ferfolle". De KomEks beklammet dat de paragraaf freget dat de Nederlânske oerheid garandearret dat minsken fersoarge wurde kinne yn harren eigen taal. Dêrom moatte der, sa seit de KomEks yn de lêste twa rapporten, heldere rjochtlinen komme foar it brûken fan de Fryske taal yn de soarch.<sup>204</sup> Yn it lêste rapport meldt Nederlân dat de promoasje fan it Frysk trochgiet, en dat yn de BFTK ôfpraat is dat der yn 2015 in yntegraal taalbelied yn de soarch is.<sup>205</sup> De KomEks werhellet dat helder belied needsaaklik achte wurdt.

Ut it petear mei de kaaiekspert docht bliken dat sok taalbelied der noch hieltyd net is. Sterker noch: der is op it momint net ien ynstânsje dy't taalbelied fiert.<sup>206</sup> Der is wolris mei organisaasjes oer praten, mar dy lykje it net fêstlizze te wollen. It Frysk is yn de soarch goed fertsjintwurdige, faaks wurdt dêrom de wichtigens fan it fêstlizzen net altyd werkend.<sup>207</sup> De KomEks freget yn harren lêste rapport nei in sinjaal fan ûntmoediging fan it brûken fan Frysk yn soarchynstellings. Dat sinjaal komt de kaaiekspert net bekend foar. It is har wol bekend dat Fryske meiwurkers soms frege wurdt net ûnderling Frysk te praten om it bêd fan in Nederlânsktalige pasjint, mar dat soe net ûnder ûntmoediging falle. Soarchynstellings moatte fansels ek tagonklik bliuwe foar Nederlânsktaligen.<sup>208</sup>

## 11.2 Wat is goed gien?

Paragraaf 13.1, Fryske taal yn offisjele dokuminten, is oer it algemien goed beregele. Der wurde gjin nije ynsidinten melden oer in ferbod op Fryskpraten. De Afûk hat ferskate aktiviteiten ûntwikkele op it mêd fan Frysk yn 'e soarch, en op it mêd fan Frysk yn it sosjale libben, lykas *Praat mar Frysk*, en workshops opsetten spesjaal foar bedriuwen. Ferskate bedriuwen yn Fryslân profilearje harren as Frysk, en sa is it Frysk oer it algemien aardich sichtber yn it bedriuwlibben.

Op it mêd fan 13.2 hat de enkête *Taal yn 'e soarch* it brûken fan it Frysk yn de soarch ynventarisearre en befêstige dat der gjin tekoart is oan Frysktalich persoanen. De measte meiwurkers yn 'e soarch binne Frysktalich en sille ek Frysk mei in Frysktalige kliïnt prate. Dokters en mear spesjalistysk persoanen sjogge de mearwearde fan Frysktalichheid. Dat wurdt ek befêstige yn it petear mei de kaaiekspert, dy't de ûnderfining hat dat, yn soarchynstellings yn Fryslân, Frysktaligen de mooglikheid hawwe om Frysk te praten as sy dat

---

<sup>203</sup> *Fourth Periodical Report of the Netherlands, 2008-2011*, 2011.

<sup>204</sup> Committee of Experts on the Charter, *Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands*, 2012.

<sup>205</sup> *Fifth Periodical Report of the Netherlands, 2012-2014*, 2015.

<sup>206</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>207</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>208</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

wolle, dat de measte ynstellings dêr omtinken oan jouwe en dat it Medysk Sintrum Ljouwert bygelyks freget nei de foarkarstaal yn yntakepetearen mei pasjinten.<sup>209</sup>

### 11.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

Yn de BFTK 2013-2018 is fêstlein dat der ein 2015 in yntegraal taalbelied wêze soe. Dat is der net kaam. Efterhâldendheid fan de Nederlânske oerheid om private ynstellings oan te stjoeren spilet dêryn faaks in rol. Ek docht bliken, dat de soarchynstellings leaver gjin taalbelied hawwe. Probleem is wol, dat sûnder in taalbelied de mooglikheid om Frysk te praten net garandearre wurdt: no net en yn de takomst net.

Der is betizing tusken de Nederlânske oerheid en de Kommisje fan Eksperts, benammen oangeande paragraaf 13.2.b. De KomEks sjocht de taalbetingsten foar it iepenbier ferfier oer de holle, en hat mooglik ek mist dat der petearen binne mei it bedriuwslibben. It is neffens de kaaiekspert op it mêd fan de Nederlânske rapportaazjes net dúdlik wêrom't de aktiviteiten fan de Afûk net meinommen binne yn de rapportaazje. Datsoarte fan aktiviteiten lykje nammentlik wol relevant foar dy paragraaf.<sup>210</sup>

### 11.4 Oanbefellingen

- **It is wichtich dat (hús)dokters yn alle gefallen it Frysk ferstean kinne en dat sy harren pasjinten ek aktyf útnûgje om Frysk te praten.**<sup>211</sup>

- **Gemeenten soene stimulearre wurde kinne om taalbetingsten te stellen by it ynkeapjen fan soarch.**

Taalbelied hoecht net perfoarst de manier te wêzen om ymplementaasje te ferbetterjen, mar it makket it wol mjitber.<sup>212</sup> Mooglik is in probleem dat soarchynstellings private ynstellings binne, en Nederlân is foarsichtich yn it oplizzen fan belied oan private ynstellings.<sup>213</sup> De kaaiekspert op it mêd fan Ekonomysk en Sosjaal Libben jout in alternatyf oan foar taalbelied: de Fryske gemeenten binne ferantwurdlik foar de *Wet maatskiplike stipe (Wmo)* (alle soarch foar minsken dy't net langere tiid opnaam hoege te wurden, is de ferantwurdlikheid fan gemeenten, bygelyks de jeugdsoarch, geastlike súnenssoarch, thússoarch). Gemeenten keapje dy soarch yn en soene taalbetingsten stelle kinne foar de ynstânsjes dy't sy ynhiere om dy taken út te fieren. Gemeente Smellingerlân bygelyks docht dat al, en de Afûk set dêr ek op yn mei de promoasje fan de Fryske taal yn de soarch. Om gemeenten safier te krijen, seit de

---

<sup>209</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>210</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>211</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>212</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>213</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

kaaiekspert, moatte sy foarljochte wurde oer it belang fan de Fryske taal yn de soarch. It Ryk of de taalskipper soe dêr ek in rol yn hawwe kinne: sy kinne in ramt fêststelle foar de útfiering fan de Wmo troch de gemeenten.<sup>214</sup>

- **Der moat geregeldwei kontakt wêze tusken oerheid en Fryskpraters, benammen yn de perioade fan de periodike rapportaazje.**

De aktiviteiten fan de Afûk binne om ûndúdlike redenen net meinaam yn de periodike rapportaazje fan Nederlân, mooglik om't de rapporteurs net op 'e hichte wiene fan dy aktiviteiten. Geregeldwei kontakt tusken oerheid en Fryskpraters, foaral yn de perioade fan de periodike rapportaazje, soe de kwaliteit dêrfan ferbetterje kinne.

---

<sup>214</sup> Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk En Sosjaal Libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

## 12 Artikel 14: Grinskrusende útwikselingen - skiednis en stân fan saken fan it ymplemintearjen

De folgjende paragrafen fat Artikel 14: Grinskrusende útwikselingen binne ûndertekene troch de Nederlânske oerheid:

“14. *The Parties undertake:*

- a to apply existing bilateral and multilateral agreements which bind them with the States in which the same language is used in identical or similar form, or if necessary to seek to conclude such agreements, in such a way as to foster contacts between the users of the same language in the States concerned in the fields of culture, education, information, vocational training and permanent education;*
- b for the benefit of regional or minority languages, to facilitate and/ or promote co-operation across borders, in particular between regional or local authorities in whose territory the same language is used in identical or similar form.”<sup>215</sup>*

### 12.1 Skiednis fan it ymplemintearjen

Oer it algemien is it oardiel fan de KomEks oer it ûnderdiel *Transfrontier Exchanges* (grinskrusende útwikselingen) posityf. Al yn de earste omgong (2001) waarden beide paragrafen beoerdie as “generally fulfilled”, mei de opmerking dat it Ryk de útwikselingen net mear subsidiearret, en dat de KomEks útsjocht nei de rapportaazje fan Nederlân, om te hearen hoe’t se fan doel binne dy útwikselingen te befoarderjen. Neiere ynspesje fan de periodike en evaluaasjerapporten smyt fragen op.

Wêrom kart de KomEks paragraaf 14a goed yn de twadde omgong, wylst de Nederlânske oerheid foar dy paragraaf, yn sawol it earste as it twadde periodike rapport, sa’n bytsje deselde ynformaasje jout?

En wêrom kart de KomEks paragraaf 14b net goed yn de twadde omgong? Yn it twadde periodike rapport jout Nederlân in hiel soad ynformaasje oer de plannen yn de BFTK (2001) en de finansjele stipe dy’t de oerheid jout oan grinskrusende útwikselingen<sup>216</sup>, mar yn it twadde evaluaasjerapport (2004) jout de KomEks oan gjin addisjonele ynformaasje ûntfongen te hawwen fan Nederlân. Pas yn de fjirde omgong kart de KomEks ek paragraaf 14b goed, mei de kanttekening dat it oparbeidzjen tusken de Fryskpratende gebieten in strukturele finansiering nedich hat. De KomEks hallet, ta beslút, de kanttekening oer de

---

<sup>215</sup> *European Charter for Regional or Minority Languages.*

<sup>216</sup> *Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001, 2003.*

strukturele finansiering fuort yn de fiifde omgong, wylst Nederlân yn de lêste periodike rapportaazje dêr hielendal gjin ynformaasje oer jout. Nederlân jout yn dit rapport wol ynformaasje oer de ferkiezing fan Ljouwert ta Kulturele Haadstêd 2018, it lidmaatskip fan de provinsje by it NPLD en de aktive stipe fan it Mercator Kennisintrum troch de provinsje.<sup>217</sup>

## 12.2 Wat is goed gien?

Der binne al hiel lang inisjativen foar útwikseling tusken de Fryslannen. Jongereinferiening Frysk Ynternasjonaal Kontakt (FYK) is dêr in foarbyld fan. Dy organisearret net allinnich útwikselingen tusken de Fryske jongerein, mar ek tusken jongerein fan oare minderheden: de *Minority Bustour* yn 2017 is dêr in foarbyld fan.

De Fryske Rie docht in soad oan útwikseling mei de oare Fryslannen, en makket sa diel út fan in Ynterfryske Rie. Se organisearje om de trije jier in kongres. Utwikselingen binne ien kear yn 't jier: dat binne frij tradisjonele útwikselingen, lykas Fryske boeremoetings.<sup>218</sup> Neffens de kaaiekspert op it mêd fan artikel 14, soene dy moeting útweide wurde moatte en soene ek der minsken fan bûten de boeremienskip by belutsen wurde moatte. De finansiering fan de moeting wurdt benammen dien troch de besikers fan dy moeting. De provinsje stipet wol mei subsydzje oan de Fryske Rie, en wol ek stypje yn it meitsjen fan in stevigere, profesjoneler struktuer fan de útwikselingen. Neffens de kaaiekspert soe der dan ek oarewei jild komme kinne, sa as út de Eems-Dollard regio.

*“Der hat krekt wer in gearkomste west mei de oare Frysktalige gebieten. Der is skriftlik kontakt, mail, sosjale media, gearkomsten. Je kenne elkoar. Der is ek in Frysk treffen, elk jier op in oar plak. Dêrtroch ûntsteane allegear nijsgjirrige dwersferbannen. (...) by de Ynterfryske Rie krije je ek minsken dy't dwaande binne yn bygelyks de polityk, net allinnich mei taal. Ek al is de Fryske taal yn guon gebieten ferslern gien, it Fryskwêzen is wol eat dat noch wichtich foar harren is.”<sup>219</sup>*

Toanielselskip Tryater wurket ek mei oare regio's oan produksjes. Dit selskip spilet alle jierren in jeugdfoarstelling yn it bûtenlân, en op it stuit sit Tryater yn in Europeeske oanfraach mei fjouwer oare minderheidstaletoanielselskippen. Dêrby rint Tryater wol oan tsjin budzjetproblemen.<sup>220</sup>

Op akademysk nivo wurde kontakten mei oare minderheidstalen yn Europa ûnderhâlden troch it Mercator Kennisintrum. Fanwegen ûnder oare de *Regional Dossier Series*, en ek oare Europeeske projekten, is der in grut netwurk mei oare minderheden, en net allinnich yn Europa. Mercator kriget struktureel subsydzje fan de provinsje Fryslân.

---

<sup>217</sup> *Fifth Periodical Report of the Netherlands, 2012-2014, 2015.*

<sup>218</sup> Kaaiekspert 17, op it mêd fan Artikel 14: Grinskrusende Utwikselingen.

<sup>219</sup> Kaaiekspert 17, op it mêd fan Artikel 14: Grinskrusende Utwikselingen.

<sup>220</sup> Kaaiekspert 15, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele aktiviteiten.

### 12.3 Wat giet noch net goed en wêrom net?

Der liket betizing te wêzen yn de ynteraksje tusken de Nederlânske oerheid en de Kommisje fan Eksperts. It is soms net dúdlik hoe't de KomEks in oardiel foarmet. Mooglik hat de KomEks ynformaasje yn it twadde periodike rapport mist, en mooglik hat de ynformaasje fan de Nederlânske oerheid yn de fiifde rapportaazje oangeande it NPLD, Mercator Kennisintrum en de ferkiezing fan Kulturele Haadstêd neffens de KomEks sa'n gewicht, dat se ree binne fan harren kanttekening oangeande de finansjele struktuer ôf te stappen.

Nederlân hat meiwurking tasein oan it stypjen fan kontakten tusken de Fryslannen. Lykas út it petear mei de kaaiekspert op it mêd fan grinskrusende útwikselingen blykt, wurde de útwikselingen benammen troch de belanghawwenden, dus de Friezen dy't útwikselje wolle, sels betelle.<sup>221</sup>

Ut it petear mei de kaaiekspert op dit mêd wurdt ek dúdlik dat de tradisjonele meetings yn de hjoeddeistige foarm minder populêr wurde. Net allinnich om't it fan oarsprong boeremoetings binne en om't Friezen net sa faak mear boer binne as eartiids, mar ek om it folgjende:

*“Trochdat de wrâld grutter wurden is sitte minsken ek net echt mear te wachtsjen op sokke útstapkes. Bygelyks, Schleswig-Holstein wie yn 'e '50-'60er jierren in avontuer, mar no hawwe minsken mear middels en mooglikheden, en soene se leaver earne oars hinne gear.”<sup>222</sup>*

It docht bliken dat yn Dútsk-Fryslân ek gjin budzjet is foar dit soarte aktiviteiten. De oare Fryslannen hawwe net of amper eigen media, en dan benammen radio, mar dat is low-budzjet.<sup>223</sup> Op it mêd fan media binne der wol kontakten en útwikselingen, mar dy binne, neffens de kaaiekspert op it mêd fan media, ynsidinteele.<sup>224</sup>

### 12.4 Oanbefellingen

- **Der moat útsocht wurde yn hokker foarm oft dy inisjativen libbensfetber en nuttich foar alle partijen makke wurde kinne.**

Fan âlds binne de relaasjes tusken de Fryslannen wichtich, mar op it stuit lykje de inisjativen dea te blieden.

- **Kontakten mei oare Europeeske minderheden op it mêd fan kultuer kinne útwreide wurde troch it finansjeel stypjen fan Fryske kulturele ynstânsjes mei ynternasjonale ambysjes.**

Op kultureel nivo soene de kontakten mei oare minderheden yn Europa útwreide wurde kinne. Omrop Fryslân en Tryater kinne dêryn beide in rol spylje. Tryater wurket no al, foar sa fier dat finansjeel

---

<sup>221</sup> Kaaiekspert 17, op it mêd fan Artikel 14: Grinskrusende Utwikselingen.

<sup>222</sup> Kaaiekspert 17, op it mêd fan Artikel 14: Grinskrusende Utwikselingen.

<sup>223</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

<sup>224</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media.

mooglik is foar harren, oan ynternasjonale projekten mei minderheden út oare lannen. Yn it ramt fan in goede útfiering fan artikel 14, soene dy projekten fierder finansjeel stipe wurde kinne.

- **Op it stuit is net dúdlik wêrom't de KomEks de iene kear posityf en de oare kear negatyf oardielet. Dêr moat dúdlikens oer komme.**

Der liket in soad betizing te wêzen tusken Nederlân en de KomEks. Om't beide paragrafen yn de earste omgong al yn har algemienens goedkard wiene, is de betizing al minder fan belang.



## 13 Konklúzjes en oanbefellingen

### 13.1 Beheiningen fan it ûndersyk

Foar dit ûndersyk binne de rapportaazjes fan Nederlân en de KomEks en ferskate boarnen bestudearre. Per artikel fan it Hânfêst binne petearen west mei ien, twa of fjouwer kaaiekspts. De list fan rieplachte boarnen befetsje net alle boarnen dy't relevant binne. Neist de rieplachte kaaiekspts binne der, nei alle gedachten, folle mear eksperts dy't oer dy ûnderwerpen wichtige ynformaasje hawwe, dy't mooglik sels in oar byld jaan fan de situaasje. De list fan boarnen en de list fan kaaiekspts fan dit ûndersyk is beheind. Dochs is de hoop dat mei dit ûndersyk in oantal wichtige ûntwikkelingen yn it ymplementearjen fan it Hânfêst yn Nederlân fêststeld binne.

### 13.2 *Best practices* yn it ymplementearjen fan it Hânfêst

Fiifentweintich jier sûnt de ûndertekening fan it Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen is der op it mêd fan it beskermen en befoarderjen fan de Fryske taal in hiel soad bard. Foarbylden fan *best practices* binne:

#### 13.2.1 Wet Gebrûk Fryske Taal

Yn de *Wet Gebrûk Fryske Taal* is de beskerming fan de taal op it mêd fan rjocht en bestjoerlik ferkear fêstlein. Dêrmei hat Nederlân ferplichtingen, dy't sy op har naam hat mei de ratifikaasje fan it Hânfêst, in plak jûn yn de eigen wetten en eksplisyt makke<sup>225</sup>. Dat dit posityf wurket lit de flugge ymplementaasje fan de modeloardingjen sjen (sjoch haadstik 8).

#### 13.2.2 Oerheveling keardoelen en ûntheffingen op it mêd fan Frysktalich ûnderwiis nei de provinsje

It ymplementearjen fan it Artikel Underwiis, blykt it meast problematysk. Noch hieltyd is it oandiel Frysk op skoallen faak leech en is der gjin trochgeande learline op it fuortset ûnderwiis. Hoewol't de effekten dêrfan noch dúdlik wurde moatte, is de oerheveling fan de ferantwurdlikheden oangeande it opstellen fan keardoelen en it ferlienen fan ûntheffingen nei de provinsje in grutte en konkrete stap, dy't mooglik ta in soad ferbettering liede sil.

---

<sup>225</sup> Kaaiekspt 3 en 4, op it mêd fan de Rapportazjes fan it Ryk.

### 13.2.3 Eigen bestjoersôfspraak Fryske Taal yn de Media

De plannen foar de nije Mediawet bedrigen de posysje fan de Fryske taal yn de media. Ferskate aksjes, wêrûnder it ynstellen fan de Kommisje Hoekstra, hawwe laat ta in eigen bestjoersôfspraak foar it Frysk yn de Media, dy't har posysje beskermet.

## 13.3 Oanbefellingen mei it each op it ferbetterjen fan de ymplemtaasje

Oan de oare kant, lykas skema 1 sjen lit, is de KomEks op wichtige punten noch hieltyd net tefreden. Yn dit rapport is besocht om sjen te litten wêr't dy negative oardielen weikomme en hoe't de kontakten tusken Nederlân en de KomEks oer dy oardielen ferrûn binne. De wichtichste knyppunten en oanbefelling foar it opheffen dêrfan, folgje hjirûnder.

- **Der moat yvestearre wurde yn Taalplan Frysk en in dúdlik wetlik ramt komme foar foarskoalsk ûnderwiis.**

Resint binne grutte stappen setten op it mêd fan basis- en fuortset ûnderwiis mei it útbesteegjen fan it fêstsetten fan de keardoelen en it ferlienen fan ûntheffings nei de provinsje Fryslân. Der leit in plan by de provinsje Fryslân om it oanbod Frysk op de skoallen omheech te krijen: dit is hurd nedich, want op grûn fan de oanbeane lesieren op de measte skoallen kin net ferwachte wurde dat skoalferlitters goede Fryske taalfeardigens ûntwikkele hawwe.

It plan fan de provinsje befettet stimulearjende maatregels foar skoallen om it oanbod Fryske taal te fergrutsjen. Dit fereasket in ekstra budzjet foar dy skoallen om de taalfeardigens foar harren lesjouters en de beskikbere lesmaterialen út te wreidzjen. Dit budzjet moat, yn elk gefal foar in part, by de Nederlânske oerheid weikomme.

Derneist kontrolearret de ynspeksje it Frysk op skoallen ûnfoldwaande: ien rapport oer it Frysk op skoallen per desennium is net genôch en stiet net yn ferhâlding ta de aktiviteiten fan de ynspeksje op it mêd fan oare fakken.

Wat it foarskoalsk ûnderwiis oangiet: hjirfoar moat in wetlik ramt komme. Op dit stuit stelt de wet dat ek Frysk praat wurde *mei*: dat is te frijbljuwend..

- **It brûken fan it Frysk yn rjochtbanklokaasjes bûten Fryslân moat stimulearre wurde.**

De weryndieling fan de gerjochtlike kaart hat der ta laat dat folle mear saken, dêr't Fryskpraters by belutsen binne, holden wurde bûten Fryslân. Ut de memo fan Rjochtbank Noard-Nederlân docht bliken dat der bûten Fryslân yn de rjochtseal hast gjin gebrûk makke wurdt fan it rjocht om Frysk te praten.<sup>226</sup> Al yn de earste monitoaringsomgongen hat de KomEks oanjûn dat it Frysk yn it rjochtsferkear net

---

<sup>226</sup> Memo Rechtbank Noord-Nederland: Frysk Binnen RNN, 31 March 2017.

allinnich formeel regele wurde moat, mar dat it ek yn de praktyk brûkt wurde moat. As blykt dat de Fryskpraters harren taal net brûke op de lokaasjes bûten Fryslân, soe útsocht wurde moatte wêrom net. In mooglike oarsaak is dat it persoanel fan de rjochtbank net genôch Fryske taalfeardigens hat. Dit soe ferbettere wurde kinne troch it opnimmen fan feardigens yn de Fryske taal yn fakatuereteksten fan de hiele rjochtbank Noard-Nederlân en it Arrondissement Arnhem-Leeuwarden, it derop tasjen dat persoanel Fryske kursussen folget, en troch derop ta te sjen dat der altiten foldwaande Frysktalich persoanel en/of in tolk oanwêzich is op alle lokaasjes.

- **Der moat geregeldwei kontakt wêze tusken oerheid en Fryskpraters**

It is tige oan te befeljen dat der geregeldwei kontakt is tusken oerheid en Fryskpraters: dit is ien fan de wichtichste doelen fan it Hânfêst. Dit kontakt soe yn elk gefal plakhawwe kinne foar de periodike rapportaazje fan Nederlân. Op it stuit binne de rapportaazjes fan Nederlân ûnfolslein. De Kommisje fan Eksperts hellet ynformaasje by de sprekkers wei, by har *on-the-spot visits*, dy't de oerheid net meldt yn de rapportaazje en mooglik net hat. Mei in besite fan in oerheidsdelegaasje oan Fryslân kin bepraat wurde hoe't it stiet mei it ymplementearjen fan it Hânfêst en hoe't dy sinfolle makke wurde kin foar de Fryske taal en de Fryskpraters. Foar guon paragrafen is dit kontakt essinsjeel. Bygelyks, foar in goeie ymplementaasje fan paragraaf 12.3: kulturele aktiviteiten yn Fryslân kinne allinnich op 'e aginda fan it Kultureel Bûtenlânbelied setten wurde as de oerheid fan dy aktiviteiten op 'e hichte is. Tegearre kinne oerheid en sprekkers besjen hoe't problematyske paragrafen, lykas 10.4.c en 11.1.b.ii, 11.1.c.2, sa ymplementearre wurde kinne dat kosten en baten mei inoar yn lykwicht binne.

- **Jou ynfolling oan de rol fan taalskipper**

It idee foar in "taalskipper" foar de Fryske taal is eartiids útsteld troch *DINGtiid*.<sup>227</sup> Koartdeis hat de provinsje Fryslân, yn de persoan fan dep. Sietske Poepjes, dizze rol op har naam.<sup>228</sup> De taalskipper stelt de koers fan de Fryske taal fêst en koördinearret dy fan boppe-ôf.

Dit ûndersyk rûn tsjin ferskate saken oan, dêr't de taalskipper in wichtige rol yn spylje kinne soe: sa soe de taalskipper de taalbeliedsplannen fan de gemeenten fersterkje kinne, stimulearje dat gemeenten harren yn it Frysk profilearje en dat bedriuwen, dy't ynhierd wurde foar de Wmo, Fryske taalbetingsten hawwe. Mar ek bûten de provinsje Fryslân is der foar de taalskipper in soad te dwaan. Op it mêd fan de Fryske taal yn de rjochtspraak en yn dialooch mei ferskate oerheidsynstânsjes, dy't belutsen binne by de beskerming fan de Fryske taal, lykas it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip en it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes. It is dêrom wichtich dat de taalskipper de autoriteit en it foech kriget om bûten de provinsje saken foar inoar te krijen.

---

<sup>227</sup> Kaaiekspert 12, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten; *Beantwoording VSO Tussenevaluatie Friese taal en cultuur*, 28 Augustus 2017.

<sup>228</sup> Kaaiekspert 8, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

- **Stel taalbetingsten yn fakatueres**

It freegjen om Fryske taalfeardigens yn personielsadvertinsjes troch publike ynstânsjes, of it hawwen fan taalbetingsten by it ynhieren fan private partijen troch publike ynstânsjes, soe goed wêze foar de mooglikheid om Frysk te praten yn de rjochtseal (9.1.a.ii, 9.1.c.ii), de mooglikheid om Frysk te praten yn de soarch (13.2.c), de ekonomyske oantreklikheid fan de Fryske taal, en dêrmei, op langere termyn, mooglik it part oan Frysk op skoalle (8.1.b.ii, 8.1.c.ii).

## 13.4 Oare oerwagings dy't it neamen wurdich binne

### 13.4.1 Oer de “dizichheid” fan de paragrafen yn it Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen

De dizichheid fan ferskate paragrafen yn it Hânfêst, dy't in goede ymplementaasje somtiden dreech meitsje, kaam bytiden werom yn de petearen mei de kaaieksperets.

*“Teksten worden zo algemeen geformuleerd dat ze multi-interpretabel zijn. Wat een culturele minderheid is, is bijvoorbeeld nooit gedefinieerd.”<sup>229</sup>*

Dit liket ien fan de oarsaken foar misferstannen tusken KomEks en de Nederlânske oerheid. De reden foar dy dizichheid is troch kaaieksperets op it mêd fan de KomEks net eksplisyt makke, mar der mei wol oannaam wurde dat as de paragrafen folle eksplisiter west hiene, dat ratifikaasje fan it Hanfêst troch safolle lannen as no it gefal is, net mooglik west hie.

Wol dúdlik steld troch ien fan de kaaieksperets op it mêd fan de KomEks is dat de dizichheid somtiden brûkt wurdt troch de oerheden om “leech” yn te setten op it ymplementearjen, wylst de KomEks júst heech ynset en besyket om safolle as mooglik foar de minderheidstalen te regeljen.<sup>230</sup> Sa makket de dizichheid fan it Hanfêst in polityk spul mooglik dêr't oerheid en KomEks beiden besykje harren doelen yn nei te stribjen.

### 13.4.2 Hoe docht NL it yn fergeliking mei oare lannen?

By de petearen mei de kaaieksperets op it mêd fan de KomEks is de fraach oan bod kaam hoe it ymplementearjen yn Nederlân rint fergelike mei oare lannen. De kaaieksperets joegen oan dat fergelikingen tusken lannen dreech binne omdat der grutte ferskillen binne tusken de situaasjes fan lannen: Nederlân hat bygelyks ien taal dy't beskerming kriget ûnder Part III, ferskate oare lannen hawwe der soms wol fyftjin. It ymplementearjen en it monitoaren is yn dy lannen fansels folle kompleks.<sup>231</sup> Wol is it ferrassend, neffens ien fan dy kaaieksperets, dat krekt in lân as Nederlân, dat relatyf bloeiend is en mar ien taal yn Part III hat,

---

<sup>229</sup> Kaaieksperet 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

<sup>230</sup> Kaaieksperet 1, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts

<sup>231</sup> Kaaieksperet 1, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts; Kaaieksperet 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

safolle problemen ûnderfynt mei it op tiid leverjen fan de periodike reportaazjes en it ymplementearjen fan in wichtich ûnderdiel as ûnderwiis.<sup>232</sup>

In wiidweidiger ûndersyk nei hoe't ferskate paragrafen yn oare lannen ymplementearre binne soe liede kinne ta ideeën foar in goede ymplementaasje yn Nederlân.

#### 13.4.3 De wearde fan it Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen as ark foar de beskerming fan de Fryske taal

Der binne gjin konsekwinsjes as ferplichtings, oangien yn it Hânfêst, net neikaam wurde. Mooglik dêrtroch koe ratifikaasje fan it Hânfêst maatregels dy't skynber ta in mindere ymplementaasje fan it Hânfêst laat hawwe, lykas de weryndieling fan de gerjochtlke kaart of de weryndieling fan de Fryske gemeenten, net foarkomme. Ek liket in Nederlânske wet somtiden effektiver as it Hânfêst, lykas yn it gefal fan it ymplementearjen fan de modeloarderingen.

Oan de oare kant binne der ferskate suksesferhalen, lykas neamd yn haadstik 13.2. Yn de petearen mei de kaaieksperts is geregeldwei frege nei hoe folle wearde sy hechtsje oan it Hânfêst as ark foar it beskermjen fan de Fryske taal. De miening fan alle kaaieksperts wie dat it Hânfêst wichtich is:

*“We hebben het Handvest wel nodig. Het is wel een belangrijk instrument bij Binnenlandse Zaken. Er moet wel pragmatisch gekeken worden naar wat het Fries echt nodig heeft. De bepalingen uit het Handvest worden dan soms een beetje ouderwets. Dingen die in Nederland gedaan worden kunnen wel waardevol zijn voor het Fries maar kunnen niet een-op-een vergeleken worden met het Handvest. Het is wel waardevol voor harde afspraken en een goede basis in contacten met andere departementen. Vanwege de rapportage blijft iedereen ook betrokken. Dat is ook positief voor de taal.”*<sup>233</sup>

Yn syn algemienens wurdt it Hânfêst sjoen as in goeie manier fan kontakt ûnderhâlden tusken oerheid en Fryslân. Neffens in kaaiekspert op it mêd fan ûnderwiis hat it feit dat der in wetlik kader is it Frysk hiel goed dien.

*“Dat der überhaupt oandacht is foar de foarskoalske perioade, dat komt wol omdat it yn sa 'n hânfêst stiet (...) oars wie it echt rampsalich west”*<sup>234</sup>

Hoewol't it Hânfêst bytiden yn opset as ferâldere sjoen wurdt, wurket dit net as rem op in moderne ymplementaasje fan beskermjende maatregels foar it Frysk. De Nederlânske oerheid seit op dit mêd yn har Memorie van Toelichting oer it goedkarren fan it Hânfêst:

*“Het is nadrukkelijk niet onze bedoeling dat als gevolg van deze toetsing aan het thans geldende beleid, het Handvest een conserverend effect zou hebben. Een verdere verbetering van de*

---

<sup>232</sup> Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts

<sup>233</sup> Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de reportaazjes fan it Ryk.

<sup>234</sup> Kaaiekspert 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis.

*positie van de Friese taal in de toekomst moet niet bij voorbaat worden uitgesloten. Het is daarom van belang dat het Handvest deelnemende lid-staten ook de mogelijkheid biedt om op een later tijdstip niet-overgenomen bepalingen van deel III alsnog over te nemen (artikel 3, tweede lid)."*<sup>235</sup>

Ien fan de kaaieksperts seit hjiroer:

*"Dat wol net sizze dat der yn de praktyk eat dat net ratifisearre is [yn it Hânfêst] ek net bart. Bygelyks de taalferoardening, dat as de provinsje in Fryske brief krijt se dy yn it Frysk antwurdzje, is net ratifisearre mar stiet wol yn de BFTK."*<sup>236</sup>

Ferskate kearen is yn de petearen mei de kaaieksperts oan bod kaam dat media ien fan de fluchst feroarjende gebieden is: doe't it Hânfêst skreaun waard, wie it ynternet bygelyks folle minder wichtich. It Hânfêst kin net samar oanpast wurde: in oanpassing soe betsjutte dat de lidsteaten op 'e nij ratifisearje moatte.<sup>237</sup> It gefolch is dat it Artikel Media yn it Hânfêst hieltyd minder fan tapassing is op de realiteit.<sup>238</sup> Ut de petearen blykt dat gjin fan de kaaieksperts hjir problemen mei ûnderfynt. It modernisearjen fan de Fryske media wurdt net remme troch it Hânfêst. Krektoarsom: belutsen partijen lykje de beskerming jûn troch it Hânfêst sûnder problemen oer te setten nei de nije media.<sup>239</sup>

De ynternasjonale ferplichting dy't Nederlân op har naam hat mei de ratifikaasje fan it Hânfêst is tige wichtich foar it beskermjen fan de Fryske taal: foar elke negative stap dy't Nederlân set foar de Fryske taal moat sy har net allinnich nei Fryslân, mar ek nei de Rie fan Europa ta ferdigenje. Op elke positive stap kin sy har foarstean, sawol nei de Fryskpraters as nei de Rie fan Europa ta.

---

<sup>235</sup> *Goedkeuring van Het Op 5 November 1992 Te Straatsburg Tot Stand Gekomen Europees Handvest Voor Streektaalen of Talen van Minderheden (Trb. 1993, 1 En 199), Memorie van Toelichting.*

<sup>236</sup> Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>237</sup> Kaaiekspert 1, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts.

<sup>238</sup> Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten.

<sup>239</sup> Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media; Kaaiekspert 3 En 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk.

## 14 Boarnelist

*Beantwoording VSO Tussenevaluatie Friese taal en cultuur*, 28 Augustus 2017

<<https://www.rijksoverheid.nl/binaries/rijksoverheid/documenten/kamerstukken/2017/08/28/beantwoording-kamervragen-over-tussenevaluatie-friese-taal-en-cultuur/beantwoording-kamervragen-over-tussenevaluatie-friese-taal-en-cultuur.pdf>>

*Beleidsregel ontheffing vak Fries*, *Provinciaal Blad*, 2015 <<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/prb-2015-3671.html>>

*Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2001-2010*, sa oerienkommen yn twafâld, op 5 juny 2001 te De Haach troch De Steat fan de Nederlannen en De provinsje Fryslân <<http://www.gemeentenenfrysk.nl/upload/flash/bestuursafpraak-friese-taal-6-01.pdf>>

*Bestuursafpraak Friese Taal En Cultuur 2013-2018*, sa oerienkommen yn twafâld, op 22 april 2013 te Ljouwert troch De Steat fan de Nederlannen en De provinsje Fryslân <[https://www.fryske-akademy.nl/fileadmin/inhoud/beelden/homepage/Oer\\_us/Organisaasje/bestuursafpraak-friese-taal-en-cultuur-2013-2018.pdf](https://www.fryske-akademy.nl/fileadmin/inhoud/beelden/homepage/Oer_us/Organisaasje/bestuursafpraak-friese-taal-en-cultuur-2013-2018.pdf)>

*Bestuursafspraken Fries in de media 2016*, *Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap*, sa oerienkommen yn twafâld, op 14 desimber 2016 te De Haach troch De Steat fan de Nederlannen en De provinsje Fryslân <<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/stcrt-2016-68855.html>>

*Chart of Signatures and Ratifications of Treaty 148*, Council of Europe Webside

<<https://www.coe.int/en/web/conventions/full-list/-/conventions/treaty/148/signatures>>

Duijff, Pieter, *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries* (Noordhoff Uitgevers B.V., 2001)

*European Charter for Regional or Minority Languages*, European Treaty Series (Strasbourg, 5 Novimber 1992) <<https://www.coe.int/en/web/conventions/full-list/-/conventions/rms/0900001680695175>>

Evaluasjerapporten oer de applikaasje fan it Hânfêst yn Nederlân:

Committee of Experts on the Charter, *First Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands* (Strasbourg, 2001)

<<https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=0900016806d8ce1>>

Committee of Experts on the Charter, *Second Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands* (Strasbourg, 2004)

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8ce3>>

Committee of Experts on the Charter, *Third Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands* (Strasbourg, 2007)

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8ce5>>

Committee of Experts on the Charter, *Fourth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands* (Strasbourg, 2012)

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8e11>>

Committee of Experts on the Charter, *Fifth Evaluation Report, Application of the Charter in the Netherlands* (Strasbourg, 2016)

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8e13>>

*ECRML 25th Anniversary: ELEN Calls for Closer Cooperation between NGOs and Governments on Charter Implementation*, ELEN website, 4 Desember 2017 <<https://elen.ngo/2017/12/04/ecrml-25th-anniversary-elen-calls-for-closer-cooperation-between-ngos-and-governments-on-charter-implementation/>>

*Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages*, European Treaty Series (Strasbourg, 5 November 1992) <<https://rm.coe.int/16800cb5e5>>

Gemengde commissie decentralisatievoorstellen provincies, *Ruimte, Regie En Rekenschap* (De Haach, 17 maart 2008) <<https://kennisopenbaarbestuur.nl/media/212259/Ruimte-regie-en-rekenschap.pdf>>

*Goedkeuring van Het Op 5 November 1992 Te Straatsburg Tot Stand Gekomen Europees Handvest Voor Streektaalen of Talen van Minderheden* (Trb. 1993, 1 En 199), *Memorie van Toelichting*, 1995 <<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/kst-24092-3.pdf>>

Hoekstra, R.J., *Adviesrapport Borging Friese Taal in de Media*, febrewaris 2013 <<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/blg-217843.pdf>>

*Internationaal Cultuurbeleid*, website Rijksoverheid <<https://www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/internationale-culturele-samenwerking/internationaal-cultuurbeleid>>



Kaaieksperts rieplachte:

Kaaiekspert 1, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts  
Kaaiekspert 2, op it mêd fan de Kommisje fan Eksperts  
Kaaiekspert 3 en 4, op it mêd fan de rapportaazjes fan it Ryk  
Kaaiekspert 5, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis  
Kaaiekspert 6, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis  
Kaaiekspert 7, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis  
Kaaiekspert 8, op it mêd fan Artikel 8, Underwiis  
Kaaiekspert 9, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlke Autoriteiten  
Kaaiekspert 10, op it mêd fan Artikel 9, Gerjochtlke Autoriteiten  
Kaaiekspert 11, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten  
Kaaiekspert 12, op it mêd fan Artikel 10: Administrative Autoriteiten  
Kaaiekspert 13, op it mêd fan Artikel 11, Media  
Kaaiekspert 14, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten  
Kaaiekspert 15, op it mêd fan Artikel 12, Kulturele Aktiviteiten  
Kaaiekspert 16, op it mêd fan Artikel 13: Ekonomysk en Sosjaal libben en Artikel 10: Administrative Autoriteiten  
Kaaiekspert 17, op it mêd fan Artikel 14: Grinskrusende útwikselingen

*Mediawet 2008 Geldend van 30-05-2018 t/m Heden* <<http://wetten.overheid.nl/BWBR0025028/2018-05-30#Hoofdstuk3>>

*Memo Rechtbank Noord-Nederland: Frysk Binnen RNN, 31 maart 2017* <<https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2018/02/Bijlage-Memo-Frysk-in-RNN-31032017.pdf>>

Minister Ingrid van Engelshoven, *Cultuur in een Open Samenleving* (De Haach: Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, 12 maart 2018)  
<<https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2018/03/12/cultuur-in-een-open-samenleving>>

Periodike rapportaazjes fan Nederlân:

*First Periodical Report of the Netherlands, 1999, 1999*  
<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806c8e22>>

*Second Periodical Report of the Netherlands, 1999-2001, 2003*  
<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806c8e24>>

*Third Periodical Report of the Netherlands, 2002-2007, 2007*

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806c8e26>>

*Fourth Periodical Report of the Netherlands, 2008-2011, 2011*

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806c8e36>>

*Fifth Periodical Report of the Netherlands, 2012-2014, 2015*

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806c8e3c>>

*Reports and Recommendations*, website Council of Europe <<https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations>>

*Revised Outline for Three-Yearly Periodical Reports to Be Submitted by Contracting Parties*, 6 maaie 2009

<<http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d3509>>

Stuurgroep decentralisatie Friese taal van Rijk naar provincie Fryslân, *Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân* (Den Haag: Ministearje fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelasjes, 2 july 2010)

<<http://fryslan.gemeentedocumenten.nl/www.fryslan.frl/3431/fries-in-het-onderwijs/files/Advies%20Hoekstra%20%20juli%202010.pdf>>

*The Role of NGOs in the Implementation and Monitoring of the European Charter for Regional or Minority Languages*, Council of Europe website

<<https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/ngos>>

*Vaststelling van de Begrotingsstaten van Het Ministerie van Binnenlandse Zaken En Koninkrijksrelaties (VII) Voor Het Jaar 2017, VERSLAG VAN EEN SCHRIFTELIJK OVERLEG*, 2017, 30 augustus 2017

<<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/kst-34550-VII-53.html>>

*Wet Gebruik Friese Taal Geldend van 01-01-2014 t/m Heden*, 2013

<<https://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>>

*Wet Herziening Gerechterlijke Kaart Geldend van 01-07-2015 t/m Heden*, 2012

<<https://wetten.overheid.nl/BWBR0031789/2015-07-01>>

*Wijziging van de Wet Op de Rechterlijke Indeling, de Wet Op de Rechterlijke Organisatie En Diverse Andere Wetten in Verband Met de Vermindering van Het Aantal Arrondissementen En Ressen* (Wet

*Herziening Gerechtelijke Kaart*), MEMORIE VAN TOELICHTING, 4 oktober 2011

<<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/kst-32891-3.html>>

*Wijziging van de Wet Op de Rechterlijke Indeling, de Wet Op de Rechterlijke Organisatie En Diverse Andere Wetten in Verband Met de Vermindering van Het Aantal Arrondissementen En Ressen (Wet Herziening Gerechtelijke Kaart)*, NADERE MEMORIE VAN ANTWOORD, 15 juny 2012

<<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/kst-32891-E.html>>

Ynspeksje fan it ûnderwiis, *Tusken Winsk en Wirklikheid: De kwaliteit fan it fak Frysk yn It basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân* (Utrecht, 2010)

<<https://www.onderwijsinspectie.nl/documenten/rapporten/2010/11/24/tussen-wens-en-werkelijkheid>>

*Zaaksverdelingsreglement Rechtbank Noord-Nederland Zoals Na Wijziging Vastgesteld Op 19 Februari 2016*, 2 maaie 2016 <<https://zoek.officielebekendmakingen.nl/stcrt-2016-21979.html>>



D / N G  
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal



Mercator European Research Centre on  
Multilingualism and Language Learning  
c/o Fryske Akademy  
Doelestraat 8  
8911 DX Leeuwarden  
The Netherlands

T: +31 58 2131414  
E: [mercator@fryske-akademy.nl](mailto:mercator@fryske-akademy.nl)  
W: [www.mercator-research.eu](http://www.mercator-research.eu)  
W: [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)